



> Retroeadres Postbus 20011 2500 EA De Haach

Aan de Voorzitter van de Tweede Kamer der
Staten-Generaal
Postbus 20018
2500EA Den Haag

**Ministearje fan
Ynlânske Saken en
Keninkryksrelaasjes**
Direktoraat-generaal
Iepenbier Bestjoer en
Demokratyske Rjochtssteat

Turfmarkt 147
Postbus 20011
2500 EA De Haach
Nederlân
www.rijksoverheid.nl
www.facebook.com/minbzk
www.twitter.com/minbzk
[www.linkedin.com/company/
ministerie-van-bzk](https://www.linkedin.com/company/ministerie-van-bzk)

Datum 11 maart 2024
Giet oer Beantwoording SO Voortgang proces BFTK 2024-2028

Skaaimerik
2024-0000150909

Jo skaaimerik

Mei dizze brief jou ik antwurd op de fragen dy't de leden fan de VVD-fraksje, D66-fraksje, CDA-fraksje, SP-fraksje, GroenLinks- en PvdA-fraksjes, ChristenUnie-fraksje en BBB-fraksje steld hawwe yn it skriftlik oerlis fan 19 oktober 2023. By de taheakke fan dit brief komt ek in Fryske oersetting.

Ek út namme fan de minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip (OCW), de minister foar Basis- en Fuortset Underwiis, de steatssekretaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip, de minister fan Justysje en Feiligens, de minister foar Rjochtsbeskerming, de minister fan Folkssûnens, Wolwêzen en Sport (VWS), de minister fan Sosjale Saken en Wurkgelegenheid (SZW), de minister fan Ynfrastruktuer en Wettersteat en de steatssekretaris fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes,

De minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes,

Hugo de Jonge

I Fragen en opmerkings út de fraksjes wei

Bestjoer	3
Hânfêst en Ramtferdrach	8
Elke regio telt.....	10
Digitalisearring.....	10
Sichtberens.....	13
Rjochtspraak.....	15
Soarch	23
Underwiis en berne-opfang	25
Algemien.....	25
Foarskoalsk ûnderwiis/berne-opfang.....	26
Basis-/fuortset ûnderwiis.....	28
Heger ûnderwiis	29
Mbu	30
Wittenskip	32
Kultuer.....	34
Ynternasjonaal kultuerbelied	34
Media.....	35
Tresoar.....	40

Skaaimerik
2024-0000150909

Bestjoer

- 1. De leden fan de D66-fraksje freegje oft de minister ree is om de fragen safolle mooglik yndividueel te beäntwurdzjen en it antwurd oan de Keamer ek yn it Frysk te stjoeren, tegearre mei de nije bestjoersôfspraak.**

Skaaimerik
2024-0000150909

Fanwegen it grutte tal fragen ha ik der foar de lêsbereens fan dizze reaksje foar keazen om de fragen fan de fraksjes per ûnderwerp te beäntwurdzjen. Allinnich fragen dy't direkt oan inoar relatearre binne, binne kombinearre, mei it oanjaan fan de fraksjes dy't de fragen steld ha. Dizze antwurden krije jo yn it Nederlânsk en yn it Frysk.

Yn de keamerbrief "BFTK freget mear tiid" fan 28 novimber, ha ik jo ynformearre oer it feit dat it ôfrûnjen fan de BFTK mear tiid freget. De BFTK sil nei ferwachting yn de maitiid fan 2024 tekene wurde.

- 2. De leden fan de D66-fraksje binne de minister erkentlik foar it ûnderskriuwen fan it ambysjenivo yn de eardere bestjoersôfspraak, nammentlik in groei fan it tal minsken dat it Frysk skriuwe, lêze en prate kin (sjoch: Keamerstik 36 200-VII, nr. 115). De Keamer hat frege om it ambysjenivo te ferheegjen (sjoch: Keamerstik 36 200-VII, nr. 135), wêrop't de minister tasein hat de besteande ôfspraken troch te setten en ek mei-inoar nije mooglikheden te sykjen om ynset te fersterkjen en it ambysjenivo te ferheegjen (sjoch: Keamerstik 36 200-VII, nr. 174). Dizze leden binne de minister dêrfoar tige erkentlik. Hat de minister as doel om de situaasje op alle mêden te ferbetterjen neffens de eardere bestjoersôfspraak?**

Ja, dit kabinet hat as doel om de ambysjes yn de BFTK op alle mêden te ferheegjen neffens de eardere bestjoersôfspraken. Ik bin op dit stuit yn petear mei de belutsen departeminten en de Provinsje Fryslân oer hoe't de ambysje op de ferskate tema's ferhege wurde kin en wat dat oan ferantwurdlikens freget fan alle partijen. Ek wurdt rekken holden mei de oanrekommandaasjes fan DINGtiid.

- 3. Dêrnjonken freegje leden fan de D66-fraksje oft de minister ree is om oan te sluten by it eindoel om fan de provinsje Fryslân in folweardich twatalige maatskippij te meitsjen. De CDA-fraksje wol witte wat it kabinet fynt fan in folslein twatalige maatskippij en ferwiist nei it doel fan de Provinsje Fryslân om mei de nije BFTK folslein ynfolling te jaan oan it sânde evaluaasjerapport fan it komitee fan saakkundigen fan de Ried fan Europa.**

Ja, dit kabinet folget de ambysje fan de Provinsje Fryslân om fan Fryslân in folslein twatalige maatskippij te meitsjen. Mei it yngean fan de Wet Fryske Taal (WGFT) op 1 jannewaris 2014 is it Frysk njonken it Nederlânsk erkend as offisjele taal yn de provinsje Fryslân. Om de gelikense posysje fan Frysk en Nederlânsk yn de provinsje Fryslân te befoarderjen is in 'Orgaan foar de

Fryske taal' oprjochte, mei de namme DINGtiid (WGFT, haadstik 4, kêst 18-19). Yn oerienstimming mei wetjouwing stelt de besteande BFTK dat it brûken fan de Fryske taal as ûnderdiel fan de regionale identiteit net allinnich in rjocht is, mar ek fanselsprekkend wêze moat. Mei de bestjoersôfspraak wol dit kabinet betingsten skeppe dy't de fanselsprekkendheid fan it Frysk yn Fryslân befoarderje.

Skaaimerik
2024-0000150909

De oanrekommandaasjes út it sânde evaluaasjerapport fan it komitee fan saakkundigen fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen sil swier meiwage yn de ûnderhannelings tusken it Ryk en de Provinsje oer de nije BFTK.

4. Fraksjeleden fan D66 en CDA freegje oft de minister ree is om de útgongspunten fan lykweardigens, proporsjonaliteit en mear ambysje, lykas beskreaun troch de Provinsje Fryslân, te ûnderskriuwen?

It Frysk hat as offisjele taal yn de provinsje Fryslân in bysûndere posysje en moat sadanich behannele wurde. Ut dat perspektyf wei, fyn ik dat dit kabinet syn ferantwurdlikens nimme moat om yn gearwurking mei de Provinsje Fryslân de fitaliteit fan it Frysk te boargjen en te befoarderjen. Beide partijen hawwe dêr in eigen rol en berik yn. Dit kabinet hat as doel om de ambysjes yn de nije BFTK te ferheegjen neffens de eardere bestjoersôfspraken.

5. De leden fan de CDA-fraksje geane derfan út dat it belang fan de Fryske taal en kultuer troch de gasten oan de rûne tafel dúdlik útsprutsen is. Dizze leden moatte konkludearje dat it ferskil tusken teory en praktyk grut is en troch ferskate dielnimmers oan de rûnetafeldiskusje as grut belibbe wurdt. Kin de Oerheid dêrop reflektearje?

De ambysje om fan de provinsje in folweardich twatalige maatskippij te meitsjen, freget feroarings yn de Fryske maatskippij, dy't fan oanhâlden komme moatte, en net mei belied en regeljouwing allinnich te realisearjen binne. De BFTK bestiet út ôfspraken tusken it Ryk en de Provinsje. Troch de lokale autonomy fan gemeenten, ûnderwiisynstellings, partikuliere bedriuwen en maatskiplike organisaasjes is de omfang fan dy ôfspraken min ofte mear beheind. It is dêrom wichtich om mei de belutsen partijen geregeld nei te tinken oer belied en regeljouwing de útfiering dêrfan yn de praktyk, en as it nedich is, by te stjoeren. Dat wurdt ûnder oare dien troch de periodike fernijing fan de BFTK, de tuskentiidske rapportaazje fan de BFTK en it tafersjoch troch it komitee fan saakkundigen fan it Europeesk Hânfêst en de Advyskomitee fan it Ramtferdrach.

6. De brief fan it kabinet is fan 6 july 2023. Kin de minister oanjaan wat der yntusken bard is en wat no de stân fan saken is? Wat is de status fan de nije BFTK?

It Ryk en de Provinsje hawwe de ôfrûne moannen hurd wurke oan nije bestjoersôfspraken. It oarspronklike doel wie om de BFTK foar de ein fan it

jier te ûndertekenjen. It ûntwikkeljen fan de ambysjes om it Frysk in ympuls te jaan, freget lykwols mear tiid. Omdat de nije BFTK beskiedend is de beliedsline foar de kommende fiif jier, binne kwaliteit en soarchfâldigens wichtiger as faasje. Op dit stuit binne der noch petearen tusken de Provinsje Fryslân, de ministearjes fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip, Sosjale Saken en Wurkgelegenheid, Bûtenlânske Saken, Folkssûnens, Wolwêzen en Sport, Justysje en Feiligens, Ynfrastruktuer en Wettersteat, Rykswettersteat, en eksterne partijen lykas de Rjochtbank en ûnderwiisynstellings. Ryk en Provinsje dogge der alles oan om dit proses sa rap mooglik ôf te rûnjen. Ik ferwachtsje dat de nije BFTK yn de maitiid fan 2024 ûndertekene wurde kin. Jo binne hjir op 28 novimber oer ynformearre yn de brief 'Ofrûnjen BFTK freget mear tiid'¹.

7. De leden fan de GroenLinks- en PvdA-fraksjes begripe dat de ferskate aspekten fan it Frysk by ferskate ministearjes ûnderbrocht binne. It risiko dêrfan is dat nimmen him as earste oansprekpunt ferantwurdlik fielt. Hoe sjocht de minister nei syn eigen rol as koördinearjende minister en is der in oansprekpunt by it ministearje dêr't saken oangeande it Frysk op it aljemint brocht wurde kinne?

As koördinearjende minister bin ik inisjatyfnimmer fan it proses om de BFTK hinne en it earste oansprekpunt by it Ryk foar belied en wetjouwing dy't rekket oan de Fryske taal en kultuer. Departeminten binne sels ferantwurdlik foar ôfspraken oer harren beliedsynhâldlike ferantwurdlikheden. De Provinsje Fryslân jout yn har rol as 'taalskipper' aktive strukturele begelieding by it útfieren fan ôfspraken tusken Ryk en Provinsje.

As koördinearjende minister help ik de Provinsje Fryslân by it lizzen fan de nedige kontakten binnen de Ryksoerheid en jou ik stipe by it ûnderhanneljen mei de belutsen departeminten. Dêrmei stjoer ik oan op it ferheegjen fan de ambysje en wiis ik kollega-departeminten op de ferplichtings oangeande de Fryske taal en kultuer dy't fuortkomme út de Wet gebrûk Fryske taal, it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen, it Ramtferdrach oangeande de beskerming fan nasjonale minderheden en de besteande Bestjoersôfspraken Fryske Taal en Kultuer.

Ek is der binnen Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes op amtlik nivo in earste oansprekpunt foar alles wat mei it Frysk te krijen hat. Elk fearnsjier wurdt troch it ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes in ynterdeparteminteel oerlis organisearre oer it Frysk en oare erkende talen. Yn 'e oanrin nei de nije BFTK binne troch sawol Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes as oare belutsen departeminten ferskate wurkbesites brocht oan de Provinsje Fryslân. Dêrnjonken organisearre it ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes tegearre mei DINGtiid septimber lêstlyn in ynterdepartemintele ynspiraasjesessie foar alle belutsen amtners

¹ [Keamerstik: Útstelbrief oer it ôfrûnjen fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer. https://www.rijksoverheid.nl/documenten/kamerstukken/2023/11/28/kamerbrief-over-afronding-bftk-vergt-meer-tiid](https://www.rijksoverheid.nl/documenten/kamerstukken/2023/11/28/kamerbrief-over-afronding-bftk-vergt-meer-tiid)

oer de skiednis fan de Fryske taal en kultuer. Doel is ek om it kommende jier ferskate wurkbesites te plannen oer ferskate beliedstema's. Ofspraken dêroer wurde opnommen yn de BFTK.

- 8. De leden fan de D66-fraksje hawwe grutte wurdearring foar it wurk fan de Afûk as taalbefoarderingsynstitút foar ús twadde rykstaal en hoopje dat de minister dizze wurdearring dielt. Erkent de minister it nasjonale belang fan de Afûk as taalbefoarderingsynstitút foar de twadde rykstaal, dêr't Nederlân ferskate ynternasjonale ferdraggen foar sletten hat? Op hokker wize sil de minister ynfolling jaan oan it belang dat de Afûk hat foar it realisearjen fan de ratifisearre ferdraggen?**

Skaaimerik
2024-0000150909

De saakkundigens fan in taalbefoarderingsynstitút is ûnmisber foar it suksesfol útfieren fan it Fryske taalbelied. De Afûk hat dêrom in essinsjele rol foar it Ryk en de Provinsje. De Afûk brûkt har saakkundigens op it mêd fan oerdracht, ûntwikkeling en befoardering fan de Fryske taal en krijt strukturele stipe fan de Provinsje Fryslân. Ek finansieret it Ryk in part fan dy stipe mei middels dy't beskikber steld wurde yn it Provinsjefûns.

- 9. De leden fan de D66-fraksje sprekke harren hege ferwachtings út fan de minister oangeande de ûntwikkeling fan de mienskiplike wetlike soarchplicht, lykas útdrukt yn de Wet gebrûk Fryske taal. De brief oer de fuortgong fan it proses giet net yn op de oannommen moasje fan it lid Romke de Jong c.s. (Keamerstik 36 200-VII, nr. 128) mei de fraach oan it Ryk om mei de nije bestjoersôfspraak te ûndersykjen hoe't de wetlike soarchplicht en ferantwurdlikens foar de Fryske taal en kultuer troch in kommisje fierder útwurke wurde kin, rekken hâldend mei taalfitaliteit. Yn de formulearring fan de moasje wurdt útdruklik net frege om te ûndersykjen oft in kommisje ûndersyk dwaan kin nei it effekt fan de wetlike soarchplicht, mar hoe't sa'n kommisje dat ûndersyk dwaan kin.**

Dizze leden fine it tige wichtich dat dizze breed stipe moasje útfierd wurdt en freegje de minister wannear't de Twadde Keamer ynformearre wurdt oer de ûndersyksopdracht, de gearstalling fan de kommisje en it tiidpaad fan de wurksumheden fan dizze kommisje. Is de minister ree om dizze kommisje opdracht te jaan om yn 2025 in rapport út te bringen foar de tuskentiidske evaluaasje fan de nije bestjoersôfspraak? En is de minister ree om mei de Provinsje Fryslân te oerlizzen oer hokker minsken yn dizze kommisje in sit hawwe moatte om rjocht te dwaan oan it belang fan it ûnderwerp?

In soartgelikense fraach wurdt steld troch de leden fan de BBB-fraksje, dy't freegje wannear't de minister de Keamer ynformearje sil oer de ûndersyksopdracht, de gearstalling fan de kommisje en it tiidpaad fan de aktiviteiten fan de kommisje Útwurking Mienskiplike Soarchplicht Fryske Taal. Is de minister ree om dizze kommisje opdracht te jaan om yn 2025 in rapport út te bringen foar de tuskentiidske evaluaasje fan de nije bestjoersôfspraak?

By it oannimmen fan de moasje fan it lid Romke de Jong hat myn foargonger tasein dat der yn it ramt fan de nije bestjoersôfspraken oer it Frysk ûndersocht wurdt yn hokker foarm de neamde partijen gearkomme moatte om inoar op lanlik nivo op de hichte te hâlden en om te ûndersykjen hoe't wy mei sa'n kommisje it belied fierder fersterkje kinne. DINGtiid sil op myn fersyk advys jaan oer it gearstallen fan in lanlike kommisje Frysk, nei oanlieding fan de moasje fan de leden Bevers en Van der Molen (Keamerstik 36200-VII-132). Ik ha DINGtiid frege om ek de fraach út de moasje Romke de Jong c.s. by dizze oanrekommandaasjes te belûken. It liket my ta dat it foar dizze lanlike kommisje taak is om te ûndersykjen hoe't de wetlike soarch- en ferantwurdlikensplicht foar de Fryske taal en kultuer fierder útwurke wurde kin. De oanrekommandaasjes fan DINGtiid ferwachtsje ik yn de maitiid fan 2024.

Skaaimerik
2024-0000150909

Healwei de rintiid fan de nije bestjoersôfspraak (2026) wurde jo Keamer en Provinsjale Steaten fan Fryslân troch middel fan in tuskenrapportaaazje ynformearre oer de útfiering fan de BFTK 2024-2028. Dizze tuskenrapportaaazje wurdt opsteld troch Ryk en Provinsje, tegearre mei de oanbelangjende útfierende organisaasjes, ûnderwiisynstellings, oerheden en DINGtiid. By it opstellen fan dizze tuskenrapportaaazje is al in grut tal fan de troch jo mooglike oanwiisde dielnimmers fan de lanlike 'kommisje Frysk' belutsen. In oanfoljende rapportaaazje fan de lanlike kommisje foar de tuskentiidske evaluaasje liket my dus gjin mearwearde te hawwen. Ek wol ik foarkomme dat de belutsen partijen (lykas gemeenten en ûnderwiisynstellings) troch dizze dûbelde rapportaaazje oerfrege wurde. It is fansels wichtich dat de tuskentiidske evaluaasje besprutsen wurdt yn de takomstige lanlike 'kommisje Frysk'. Hoe't dat moat, wurdt oan de hân fan boppe neamde oanrekommandaasjes fan DINGtiid bepaald.

Hânfêst en Ramtferdrach

10. De leden fan de CDA-fraksje en de ChristenUnie-fraksje freegje om in reaksje fan it kabinet op de oprop fan de Provinsje Fryslân om de rykserkenning fan it Frysk ûnder de dielen II en III fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen (hjernei: Hânfêst), en de erkenning fan de Friezen ûnder it Ramtferdrach oangeande de beskerming fan nasjonale minderheden (hjernei: Ramtferdrach) sûnder tebekhâldendens út te wurkjen yn de nije BFTK. Wat fynt de minister fan dit fersyk? Wat is de status fan rykserkenning?

Skaaimerik
2024-0000150909

Mei de erkenning fan it Europeesk Hânfêst en it Ramtferdrach hat Nederlân tasein him yn te setten foar it beskermjen en befoarderjen fan minderheden en erkende minderheidstalen yn Nederlân. It is de mienskiplike ferantwurdlikens fan Ryk en Provinsje om dy belofte nei te kommen. De lêste fisitaasje fan it komitee fan saakkundigen fan it Hânfêst en it Advyskomitee foar it Ramtferdrach fûn plak yn juny 2022. Nei dizze fisitaasje waarden twa rapporten mei oanbefellings publisearre. Dizze rapporten ha ik jo 19 febrewaris tastjoerd, mei in reaksje fan it kabinet op de oanbefellings foar 'immediate action'².

Yn novimber 2023 brocht Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes in offisjele besite oan de Ried fan Europa om de oanbefellings te besprekken mei it departemint dat ferantwurdlik is foar it Ramtferdrach en it Hânfêst en in mooglike ferfolchdialooch mei it Komitee fan Saakkundigen fan it Hânfêst en it advyskomitee fan it Ramtferdrach. Sa'n ferfolchdialooch kin pland wurde nei it ôfrûnjen fan de BFTK. Dit kear yn it ramt fan de útfiering fan de bestjoersôfspraken.

11. Dêrnjonken freegje de leden fan de D66-fraksje oft de minister ree is om alle oanrekommandaasjes fan de Ried fan Europa yn de nije bestjoersôfspraak te beneamen en oan te jaan oft er dy folgje sil, of útlizze wêrom't dat noch net kin?

Op it rapport fan it advyskomitee fan it Ramtferdrach en it rapport fan it Komitee fan Saakkundigen fan it Hânfêst hawwe jo op 19 febrewaris in reaksje fan it kabinet krigen³. Op jo fersyk wurdt oan de nije BFTK in passaazje taheakke mei de oanrekommandaasjes oer it Frysk fan beide komitees en in ferwizing nei it oanbelangjende diel fan de BFTK dêr't dizze oanrekommandaasjes yn ferwurke binne.

12. De leden fan de ChristenUnie-fraksje freegje ek om in reaksje fan it kabinet op de oprop fan Deputearre Steaten fan Fryslân om sûnder tebekhâldendens de ratifikaasje fan it UNESCO-ferdrach oangeande de beskerming en befoardering fan it ferskaat oan kulturele uteringen út te fieren.

² Keamerstik 36410-VII-89.

³ Keamerstik 36410-VII-89.

Nederlân hat yn 2009 it UNESCO-ferdrach oangeande de beskerming en befoarding fan it ferskaat oan kulturele uteringen ratifisearre en fiert dit ferdrach yn it kultuerbelied út. Ut periodike rapportaazjes docht bliken hoe't Nederlân dat docht. Yn de rapportaazjes fan 2013, 2017 en 2021 wurdt spesjaal omtinken jûn oan de Fryske taal en kultuer⁴.

**Ministearje fan
Ynlânske Saken en
Keninkryksrelaasjes**
Direktoraat-generaal
Iepenbier Bestjoer en
Demokratyske Rjochtssteat

Skaaimerik
2024-0000150909

⁴ Rapport fan Nederlân oer de perioade 2017-2020:
<https://en.unesco.org/creativity/governance/periodic-reports/submission/8254>
Oersjoch fan rapporten fan alle lannen, ynklusyf eardere rapporten fan Nederlân (2013 & 2017): <https://en.unesco.org/creativity/governance/periodic-reports>

Elke regio telt

13. De leden fan de BBB-fraksje, de D66-fraksje en de SP-fraksje sjogge de ynset foar de Fryske taal en kultuer as in treflik foarbyld fan regiospesifyk belied dat spesjale ôfspraken freget, dêr't it Ryk ek ferantwurdlikens foar draacht. Hoe belûkt de minister it Frysk yn it dossier regiospesifyk belied?

Skaaimerik
2024-0000150909

It belied om de Fryske taal en kultuer hinne is yndied in goed foarbyld fan regiospesifyk belied. Binnen it regiospesifike belied is der omtinken foar it behâld fan de Fryske kultuer en erfoerd yn it ramt fan bygelyks projekten dy't rjochte binne op it befoarderjen fan rekreaasje en toerisme. Ek wurdt omtinken jûn oan it behâld fan de foar Fryslân sa karakteristyk Mienskip. Belied oangeande de Fryske taal is fêstlein yn de BFTK.

14. Oanfoljend freegje de leden fan de D66-fraksje hoe't de minister fan plan is om gemeenten nauwer te belûken by it ta stân kommen en útfieren fan de bestjoersôfspraak. Is de minister ree om gemeenten te fasilitearjen by it beneamen fan meartaligenskoördinatoren?

Bestjoersorganen dy't net by de sintrale Oerheid hearre, moatte neffens de Wet gebrûk Fryske taal taalbeliedsplannen en taalferoanderingen oangeande de Fryske taal opstelle. De Provinsje Fryslân nimt dêr de lieding yn, bringt as Taalskipper desintrale oerheden byinoar en stjoert by as kânsen net benut wurde. Sa moatte de bestjoersorganen sels ferantwurdlikens nimme foar it ûntwikkeljen fan in aktueel taalbelied en taalferoandering.

De bestjoersorganen binne ek belutsen by it provinsjaal bestjoerlik oerlis 'Mei-inoar foar it Frysk', dat twa oant fjouwer kear yn it jier plak fynt. By dit oerlis wurdt ûnder it provinsjaal bestjoerlik foarsitterskip mei de belutsen gemeenten en oare belutsen bestjoersorganen de fuortgong fan de útfiering fan de taalwetjouwing besprutsen.

De Provinsje Fryslân wol gemeenten stypje by it ûntwikkeljen en ferdjipjen fan taalbelied en it realisearjen fan doelen. De Provinsje wol dêrom op termyn yn elke Fryske gemeente in meartaligenskoördinator beneame. De ynset fan in meartaligenskoördinator yn de gemeente Waadhoeke hat yn de ôfrûne BFTK-perioade suksesfol west. Om de effektiviteit fan dy oanpak fierder te ûndersykjen, wol ik yn de rin fan de nije BFTK middels beskikber stelle om yn twa nije gemeenten twa nije meartaligenskoördinatoren oan te stellen. Ofspraken dêroer wurde fêstlein yn de nije BFTK.

Digitalisearring

15. De leden fan de D66-fraksje hawwe as doel dat Nederlân foarop giet op it mêd fan digitalisearring, ferstannich omgiet mei de neidielen fan dy ûntjouwings en alle groepen yn de maatskippij dêrfan profitearje

lit. Erkent de minister dat nije ûntjouwings, lykas fiergeande digitalisearring, dy't by it ûndertekenjen fan de Europeeske ferdraggen noch net spilen, wichtich binne foar it Frysk en ek yn brede sin meinommen wurde moatte yn de nije bestjoersôfspraak? Hoe fiert it kabinet de moasje fan it lid Van der Graaf (Keamerstik 36 200-VII, nr. 131) út om digitale ynnovaasjes om Fryske spraak yn tekst en tekst yn spraak om te setten, te ferhastigjen? En hoe fiert it kabinet de moasje fan de leden Romke de Jong en De Hoop (Keamerstik 36 200-VII, nr. 127) út oer it stimulearjen fan ynnovatyf digitaal taalûnderwiis foar minderheidstalen troch Europeeske gearwurking? Is de minister ree om by de útfiering fan dizze moasjes aktyf by te dragen oan de digitale ynklúzje fan sawol it Frysk as it Papiamintsk?

De leden fan de ChristenUnie-fraksje hawwe ek fragen oer de útfiering fan de moasje fan it lid Van der Graaf (Keamerdokumint 36 200-VII, nr. 131) oer digitale ynnovaasjes om Fryske spraak yn tekst en tekst yn spraak om te setten, te ferhastigjen. Kin it kabinet oanjaan wat de útkomst is fan it oerlis mei de Provinsje Fryslân om te besjen wat der nedich is om de ûntwikkeling fan sokke digitale ynnovaasjes te ferhastigjen en hoe't it Ryk de Provinsje hjiryn stypje kin? Wannear hat dit oerlis plak fûn? Fierder freegje dizze leden in oersjoch fan de ynspannings dy't dien binne om by it ûntwikkeljen fan nije softwareapplikaasjes foar spraakwerkenning derfoar te soargjen dat dizze ek foar it Frysk tagonklik binne. Wat binne hjirfan de resultaten?

Dit kabinet fynt it wichtich dat it Frysk brûkt wurde kin yn formele en ynformele situaasjes, sawol yn it 'analoge' libben as digitaal. Nei oanlieding fan de moasje fan it lid Van der Graaf (Keamerstik 36 200-VII, nr. 131) en de nije BFTK hat op 6 juny 2023 in earste amtlik oerlis plakfûn tusken de Provinsje Fryslân en Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes. De Provinsje Fryslân hat dêr de útdagings dêr't sy foar steane en de winsken dy't se foar de takomst ha, sketst.

Om de moasje út te fieren en yn oerlis mei de Provinsje heakket de steatssekretaris fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes in paragraaf ta oan de nije bestjoersôfspraak mei ôfspraken dy't rjochte binne op it ferhastigjen fan digitale ynnovaasjes. Dizze ôfspraken sille benammen rjochte wêze op it ferbetterjen fan kennisútwikseling en de yntiids oanheakjen fan it Frysk by digitale ynnovaasjes foar it Nederlânsk. Logysk is dat digitale ynnovaasjes dy't nijsgjirrich binne foar it Frysk ek ynteressant binne foar oare erkende talen, bygelyks it Papiamintsk. De steatssekretaris fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes sjocht kânsen om de útwikseling fan kennis oer sokke digitale ynnovaasjes tusken de ferskillende taalgroepen te stimulearjen. Sa hat it yn de ryksfyzje op *generative AI* in aksje opnommen dy't rjochte is op it stimulearjen fan de ûntwikkeling en ferbettering fan (iepen en iepenbiere) taalmodellen dy't traint wurde op minderheidstalen, lykas it Frysk en it Papiamintsk.

De leden Romke de Jong en de Hoop freegje it kabinet yn harren moasje de Europeeske gearwurking te stimulearjen troch programma's lykas Erasmus+ ûnder de oandacht te bringen fan skoallen en partijen, sadat ynnovatyf taalûnderwiis troch digitale learmetoaden foar minderheidstalen fierder stimulearre wurde kin (Keamerstik 36 200-VII, nr. 127). It Nasjonaal Agintskip fan Erasmus+, ûnderbrocht by Nuffic, jout op ferskate wizen omtinken oan de mooglikheden foar Erasmus+-projekten yn it hiele ferskaat fan it ûnderwiis. In foarbyld dêrfan is te finen op de reachside fan Erasmusplus⁵. Nuffic is ek aktyf mei regionale koördinators. Sy ûnderhâlde kontakten mei skoallen yn de regio foar de aktiviteiten dy't Nuffic útfiert foar it ûnderwiis. De minister foar Basis- en Fuortset Underwiis hat jo moasje ûnder de oandacht brocht fan Nuffic en foarsteld dat kombinaasjes fan Frysk en oare minderheidstalen yn projekten binnen it Erasmus+-programma (bygelyks troch gearwurking mei skoallen yn bygelyks Baskelân of Kataloanië) opnommen wurde kinne. Nuffic sil dit ûnder de oandacht bringe fan de skoalbestjoeren yn de Provinsje Fryslân. Oanfoljend sil de minister foar Basis- en Fuortset Underwiis omtinken freegje foar Erasmus+ by de útfierders fan it Taalplan Frysk troch de saneamde 'skoalstipers'. Skoalstipers binne de fêste kontaktpersoanen foar de skoallen yn de provinsje Fryslân foar it Taalplan Frysk 2030. Skoalstipers kinne by harren skoalbesites oanjaan dat Erasmus+ ek kânsen biedt foar projekten oer minderheidstalen lykas it Frysk. Skoallen kinne ferwiisd wurde nei it Nasjonaal Agintskip foar Erasmus+. Dêrmei wurdt de moasje fan de leden Romke de Jong en De Hoop útfierd⁶. Uteinlik is Nederlân partij by it Europeesk Sintrum foar Moderne Talen⁷. Ek dêr wurde in soad ynnovative taalprojekten ûntwikkele mei en foar (minderheids)talen, wêrûnder it Frysk.

⁵ <https://www.erasmusplus.nl/subsidie/primair-en-voortgezet-onderwijs/mogelijkheden>

⁶ Keamerstik 36 200-VII, nr. 127.

⁷ <https://www.ecml.at/>

Sichtberens

16. De leden fan de D66-fraksje hawwe earder oanjûn dat se de minister tige tankber binne foar it sluten fan it sichtberensakkoart Fryske taal. Dizze leden moedigje de útfiering dêrfan oan, om't de lykwaardige sichtberens fan it Frysk en it Nederlânsk yn Fryslân rjocht docht oan de status as twadde lânstaal. Se freegje omtinken foar de rol fan it Ryk by it brûken fan it Frysk yn de iepenbiere romte, lykas yn ynfastruktuer en ynformaasjeoarsjenning. De lanlike wet- en regeljouwing is noch altyd basearre op ientalich tinken en moat neffens dy leden oanpast wurde. Sjocht de minister yn dat op oare plakken yn Europa en wrâldwiid oantoad is dat soks goed mooglik is, oanwiisber net ta skea is fan de ferkearsfeiligens en dat dat ek yn Fryslân mooglik makke wurde moat? Is de minister ree om dêr yn de bestjoersôfspraak ôfspraken oer te meitsjen?

Skaaimerik
2024-0000150909

Bebuording is der op rjochte om ferkearsbrûkers fluch, feilich en effisjint te begelieden fan it plak dêr't se wei komme nei it plak dêr't se hinne wolle. In ferkearsbrûker hat by it riden mar koart tiid om de bebuording te lêzen. Ut in ferkearsfeiligensperspektyf wei binne dêrom easken steld oan de bebuording op it mêd fan uniformiteit, kontinuïteit, lêsbereens en begryplikens. Dizze easken drage in soad by oan flugge werkenning foar ferkearsbrûkers, foarkomme sykgedrach en binne fan grut belang om twiveljen oer de te folgjen rûte foar te kommen.

Underfiningen út oare lannen litte sjen dat twatalige bebuording lâns de dyk ek neidielen hat. Tink oan in ferkearde ynterpretaasje fan in berjocht troch dyjingen dy't de taal net behearskje of dat in bestjoerder dochs besiket te ynterpretearjen wat op it boerd stiet, wat it riden en dus de ferkearsfeiligens neidielich beynfloedzje kin. Lannen dy't der foar keazen hawwe om twatalige bebuording te brûken en de ferkearsfeiligens sa min mooglik negatyf te beynfloedzjen, kompensearje dat troch ûnder oare te ferwizen nei minder bestimmingen en troch feroarings yn it ûntwerp fan de bebuording (mear kleurgebrûk of gebrûk fan kursive tekst).

Yn de besteande bestjoersôfspraak is ôfpraat om de tydlike bebuording yn it ramt fan wurksomheden oan de Rykswei binnen de provinsje Fryslân as útsûndering oan te passen nei twatalige teksten. Yn oerlis is doe besletten om by wurksomheden oan de dyk in ekstra ynformaasjeboerd yn it Frysk te pleatsen en gjin twa talen op ien boerd te brûken. Dit om it risiko op negative gefolgen foar de ferkearsfeiligens safolle mooglik te minimalisearjen. Dizze ôfspraak wurdt trochset yn de nije bestjoersôfspraak foar 2024-2028.

Rykswettersteat is op dit stuit yn petear mei de Provinsje Fryslân om tegearre te besjen hoe't de sichtberens fan de Fryske taal lâns ryksdiken yn de provinsje Fryslân fierder ferhege wurde kin, sûnder ôfbrek te dwaan oan de ferkearsfeiligens. De útkomst fan dit oerlis wurdt yn de nije bestjoersôfspraken meinommen.

Oangeande it jaan fan ynformaasje troch rykskommunikaasje hat de Provinsje Fryslân de winsk útsprutsen om by de nije bestjoersôfspraken te ûndersykjen oft de ôfspraken oer it brûken fan it Frysk yn de Lanlike Oersettrjochtsnoeren fierder konkretisearre wurde kinne. De Provinsje wol oanfoljende ôfspraken meitsje oer Fryske oerheidskampanjes en Fryske oersettings op rijksoverheid.nl. Mei de belutsen departeminten wurdt op dit stuit oerlein hoe't de ferhege ambysje op dit mêd ferfolle wurde kin.

Skaaimerik
2024-0000150909

17. Wat de leden fan de CDA-fraksje oanbelanget, docht lykwaardige sichtberens fan it Frysk en it Nederlânsk yn Fryslân rjocht oan de status fan it Frysk as offisjele taal yn de provinsje Fryslân. Dielt de minister dat prinsipe? Stiet de minister iepen foar it meitsjen fan ôfspraken yn de BFTK oer it Frysk yn de iepenbiere romte, lykas ynfrastruktuer en ynformaasjefoarsjenning, en de mooglike rol fan de Oerheid dêryn?

Ja, dit kabinet dielt dat prinsipe en set him yn om, wêr mooglik, de Fryske taal sichtberder te meitsjen yn de iepenbiere romte.

Sa wurde de besteande bestjoersôfspraken foar it tapassen fan de Fryske taal op tydlike bebuording yn it ramt fan wurksumheden oan de dyk en bebuording yn iepenbiere romten yn Rykskantoaren (fan Rykswettersteat) trochset. Hoe en oft de sichtberens fan de Fryske taal fierder fergrutte wurde kin sûnder dat it ta skea is fan de ferkearsfeiligens, is op dit stuit ûnderwerp fan it oerlis tusken de Provinsje en Rykswettersteat.

Oer ynformaasjefoarsjenning yn oerheidskommunikaasje fine op dit stuit noch petearen plak (sjoch it antwurd op fraach 16).

Rjochtspraak

18. De leden fan de VVD-fraksje meitsje har soargen oer de posysje fan it Frysk yn de rjochtspraak. De lykweardigens wurdt troch in protte prosespartijen net field, wylst it krekt yn rjochtsprosedueres sa wichtich is dat jo jo emoasjes en tinzen sa goed mooglik uterje kinne. By de rûnetafeldiskusje is de suggestje dien om alle Frysktalige saken yn Ljouwert te konsintrearjen, mits maksimaal foldien wurdt oan alle foarsjennings en betingsten foar twatalige rjochtspraak.

Skaaimerik
2024-0000150909

De leden fan de VVD-fraksje freegje oft de minister oanjaan kin oft dy opsje realistysk is? Dizze leden freegje oft de minister oanjaan kin wat der noch nedich is om it rjocht fan Friezen om Frysk te praten yn de rjochtseal te garandearjen?

Leden fan de CDA-fraksje stelle in fraach mei in ferlykbere strekking yn. It Frysk is njonken it Nederlânsk in offisjele taal yn de provinsje Fryslân en hat dêrtroch in bysûndere posysje. DINGtiid hat in oanbefelling dien om rjochtsaken dêr't in fersyk yn dien is om Frysk te praten of dêr't in grutte kâns is dat dy winsk bestiet by de prosesdielnimmers, op ien sittingslokaasje behannele wurde, nammentlik yn Ljouwert. It moat dan yn Ljouwert wol goed organisearre en útnûgjend wêze, mar dat is noch net sa. Hoe sjocht it kabinet dit? Dit stânpunt fan DINGtiid slút ek oan by de nulmjitting, dy't yn maaie 2022 yn opdracht fan de Provinsje Fryslân by de Rjochtbank Noard-Nederlân útfierd is nei it brûken fan it Frysk yn de rjochtseal. De útkomsten fan dat ûndersyk litte sjen dat meiwurkers mei it Frysk as memmetaal it Frysk gâns better fersteane as de oare meiwurkers. De meiwurkers yn Ljouwert fersteane it Frysk ek better as de meiwurkers yn Assen en Grins. It Frysk wurdt troch rjochtsikers oanmerklik faker sprutsen yn de rjochtbank fan Ljouwert as yn de rjochtbank fan Assen of Grins. De leden fan de CDA-fraksje fine dizze oanbefelling fan DINGtiid wol in goed idee en wolle graach sjen dat it fierder útwurke en besprutsen wurdt.

Ek leden fan de PVDA- en GroenLinks-fraksjes binne nijsgjirrich nei in reaksje fan it kabinet op it foarstel fan de foarsitter fan it Steatekomitee Frysk foar in aparte status fan de Rjochtbank Ljouwert.

It belied fan it kabinet is der op rjochte om op grûn fan lykweardigens de posysje fan it Nederlânsk en it Frysk yn de provinsje Fryslân te regeljen. DINGtiid is it wetlik advysorgaan dat as taak hat de gelikense posysje fan de Fryske en de Nederlânske taal yn de provinsje Fryslân te befoarderjen, yn oerienstimming mei it kabinetsbelied. Mei it each op de Rûnetafeldiskusje oer de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) fan de Fêste Keamerkommisje Ynlânske Saken fan 12 oktober lêstlyn (hjirnei: de Rûnetafeldiskusje), hat DINGtiid in tal oanbefellings dien. Ien fan de oanbefellings is om rjochtsaken dêr't in fersyk yn dien is om Frysk te praten of dêr't in reedlike kâns yn is dat dy winsk bestiet ûnder de

prosesdielnimmers, te behanneljen op de sittingslokaasje Ljouwert fan de Rjochtbank Noard-Nederlân en de Wet gebrûk Fryske taal (hjirnei: de wet) dêrop oan te passen. Dêrmei kinne de Rjochtbank Noard-Nederlân en it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert in pro-aktyf belied fiere om de lykweardigens fan it Frysk yn it rjochtsferkear (benammen dêr) te befoarderjen. DINGtiid stelt de betingst dat de wurknimmers fan de rjochtbank en it gerjochtshôf op de sittingslokaasje Ljouwert op syn minst it Frysk passyf behearskje moatte, dat dêr yn de funksjebescriuwing en by it oannimmen fan nije wurknimmers rekken mei hâlden wurdt en dat prosespartijen pro-aktyf útnûge wurde harren rjocht om Frysk te praten te brûken as se dêr ferlet fan hawwe. Neffens DINGtiid is dat noch net it gefal.

Skaaimerik
2024-0000150909

By de rjochtbank en it gerjochtshôf jildt it folgjende. Yn 2022 binne de regelingen foar de tadieling fan saken fan de Rjochtbank Noard-Nederlân feroare en hat de rjochtbankadministraasje it mooglik makke om by te tadieling maatwurk ta te passen yn saken dy't (foar in part) yn de Fryske taal fierd wurde. Konkreet betsjut dit dat de rjochtbank in saak dêr't dúdlik is dat der (foar in part) yn it Frysk prosedearre wurdt, tawiisd wurde kin oan in rjochter dy't it Frysk (passyf) behearsket. It Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert hat in ferlykbere regeling foar saken dy't behannele wurde op de sittingslokaasje Ljouwert.

Fierder wurdt yn fakatuereteksten foar nije rjochtbankmeiwurkers frege om reewillich te wêzen it Frysk passyf te learen. Om derfoar te soargjen dat rjochtbankmeiwurkers, ek rjochters, it Frysk fersteane, biedt de rjochtbank de meiwurkers alle jierren in kursus Frysk oan. Meiwurkers fan it gerjochtshôf kinne dizze kursus ek folgje. Ek organisearret it gerjochtshôf sels geregeld in kursus Frysk foar meiwurkers. Op bestjoerlik nivo fynt periodyk oerlis plak tusken de rjochtbank, it gerjochtshôf en DINGtiid. De rjochtbank en it gerjochtshôf hawwe mei DINGtiid ôfpmaat om in wurkgroep te begjinnen om te sjen oft en hoe it praten fan it Frysk by in sitting fierder fasilitearre en/of ûnder de oandacht brocht wurde kin. De oanbelangjende rjochtbanken bewoare dat se mear dwaan kinne om it Frysk op de sittingslokaasje Ljouwert te befoarderjen (troch folle minder bestjoerlike lêsten) as de wet beheind wurdt ta de sittingslokaasje Ljouwert.

De rjochtbanken hawwe nei ferskate petearen mei it ministearje fan Justysje en Feiligens en de Provinsje Fryslân in oersjoch makke fan wat se, njonken wat wetlik fêststeld is oangeande de Fryske taal, dogge of dwaan sille om it gebrûk fan it Frysk yn it rjochtsferkear te fasilitearjen. Njonken de hjirboppe neamde maatregels komt dat op it folgjende del. Op de reachside www.rechtspraak.nl is ynformaasje beskikber oer de mooglikheden fan it brûken fan it Frysk yn it rjochtsferkear. Fierders is der op it ynterne IT-netwurk fan sawol de rjochtbank as it gerjochtshôf foar de meiwurkers fan de rjochtbanken in tagonklik oersjoch te finen fan de rjochten fan de ynwenners fan Fryslân om yn it Frysk te prosedearjen en/of de eed/belofte yn it Frysk ôf te lizzen. De bebuoring op de rjochtbanklokaasjes yn Ljouwert is yn twa talen beskikber: yn it Frysk en yn it Nederlânsk. It giet bygelyks om de 'Net smoke'-buordsjes. Op de buordsjes by de sealen stiet yn it Frysk dat der

Frysk praat wurde mei yn de sittingsseal. De oanbelangjende rjochtbanken sille yn de rin fan 2023 ek op sosjale media omtinken jaan oan de mooglikheid om yn dy rjochtbanken it Frysk te brûken. It gerjochtshôf pleatst uterlik ein 2023 in filmke op de reachside rechtspraak.nl dêr'yn it Frysk útlis wurdt oer it Paleis fan Justysje yn Ljouwert en de gong fan saken by in mûnlinge behanneling. Ek binne der plannen om te wurkjen mei narrowcasting, yn alle gefallen yn it gerjochtsgebou fan de Rjochtbank Noard-Nederlân. Dêrmei wurdt it mooglik om fia de skermen yn de wachtrumte besikers oan it gerjochtsgebou yn Ljouwert yn it Frysk wolkom te hjitten. Boppedat is op 1 jannewaris 2024 de nije tekst fan kêst 14 fan de wet yngien. Op grûn dêrfan wurdt yn alle yn kêst 11 fan de wet bedoelde gefallen alles wat yn it Frysk sein is, as it opnommen wurdt yn it proses-verbaal, dat ek yn dy taal werjûn.

Skaaimerik
2024-0000150909

It kabinet is bliid mei dizze konkrete stappen fan de Rjochtbank Noard-Nederlân en it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert, en freget DINGtiid en de rjochtbanken om yn ûnderling oerlis goed ta te sjen op it opfolgjen fan dizze maatregels. It kabinet is der op 'e foarhân net fan oertsjûge dat in wiziging fan de Wet gebrûk Fryske taal nedich is om it Frysk te befoarderjen. It kabinet is bliid dat yn 2022, lykas hjirboppe neamd, de regelingen foar de tadieling fan saken feroare is, en ferwachtet dat mei dizze en boppesteande maatregels Frysktaligen gewoan terjochte kinne by de sittingslokaasje yn Fryslân. It kabinet sil it oerlis hjiroer mei de rjochtbanken trochsette en de fuortgong fan de maatregels folgje.

- 19. De leden fan de D66-fraksje meitsje har op 'e nij grutte soargen oer de beheiningen fan it rjocht fan Friezen om Frysk te praten yn 'e rjochtbank. Dizze leden sjogge dit as in grûnrjocht fan dizze erkende minderheid. It mei net sa wêze dat dizze minderheid troch de rjochterlike macht ymplisyt of eksplisyt twongen wurdt om Nederlânsk te praten. Elkenien dy't foar de rjochter ferskynt, moat folslein heard wurde en de romte krije om syn of har ferhaal yn de memmetaal te dwaan. Yn de eagen fan dizze leden hawwe Friezen ek it rjocht dat wat se sizze yn it proses-ferbaal opnommen wurdt, en net allinnich in oersetting dêrfan. Dizze leden wurdearje dan ek de kommende útfiering fan kêst 14 fan de Wet gebrûk Fryske taal, mar beskôgje it lange útstel as eksimplarysk foar benammen de hâlding fan de rjochtspraak tsjin de Friezen oer dêr't se rjocht dwaan moatte. Dizze leden binne teloarsteld oer de konklúzjes fan de Ried fan Europa dat der obstakels binne foar it brûken fan it Frysk yn de rjochtspraak. Soe de minister in beskôging jaan fan it belang en de wearde foar in goede rjochtspraak dy't it kabinet hechtet oan it rjocht fan Friezen om yn rjochtsaken Frysk te praten? De leden fan de BBB-fraksje stelle dizze fraach ek oan de minister.**

Lykas yn it antwurd op fraach 18 stiet, is it belied fan it kabinet rjochte op it regeljen fan de posysje fan it Nederlânsk en it Frysk yn de provinsje Fryslân op grûn fan lykwaardigens.

It kabinet beklammet dat it brûken fan de Fryske taal yn de rjochtspraak in mearwearde hat en dat de needsaak om it te brûken útdruklik oanwêzich is by Frysktalige rjochtsikers. Dêrom wurdt der grutte belang hechte oan it wetlik ramt en de ôfspraken dy't dêroer yn Europeesk ferbân makke binne. It kabinet ûnderskriuwt it stânpunt fan de Rjochtbank Noard-Nederlân by de Rûnetafeldiskusje dat as in prosesdielnimmer troch it brûken fan it Frysk de feiten of syn gefoelens foar de rjochter better uterje kin, dat echt bydraacht oan de ynhâldlike kwaliteit fan de rjochtspleging.

Skaaimerik
2024-0000150909

20. De leden fan de SP-fraksje freegje oft dit kabinet ree is om no einlings, nei meardere opropfen fan de Keamer, de problemen op te lossen dy't der ta lieden dat it yn 'e rjochtbank faak net mooglik is om yn it Frysk it wurd te fieren, ek net yn Fryslân sels. Bygelyks, troch de tariven foar tolken te yndeksearjen.

De leden fan de GroenLinks- en PvdA-fraksjes meitsje har ek soargen oer it brûken fan de Fryske taal yn de rjochtspraak. Dizze leden begripe dat it foar minsken dy't it Frysk brûke, noch lang net altyd goed mooglik is om yn dizze taal diel te nimmen oan de rjochtspraak. Formeel is it Frysk as taal regele, mar yn de praktyk is it brûken fan it Frysk net boarge. Sy ûntfange graach in reaksje fan de minister en wolle ek witte wat it kabinet konkreet dwaan sil om dat op koarte termyn better te boargjen. Kin de minister konkreet yngean op de soarchpunten dy't DINGtiid en de beëdige rjochtbanktolk F. Dijkstra oanbrocht hawwe by de Rûnetafeldiskusje yn de Keamer en yn de position papers dy't dêroer opsteld binne?

It kabinet ferwiist nei de stappen dy't de Rjochtbank Noard-Nederlân en it Gerjochtshôf Arnhim-Ljouwert nommen hawwe, lykas sein yn it antwurd op fraach 18.

Op de punten dy't troch mr. drs. F. B. Dijkstra ynbrocht binne, sil it kabinet ek neier yngean. It earste punt fan soarch giet oer de tariven fan C1-tolken. Op 1 jannewaris 2023 is it minimumtaryf foar tolken ferhege nei minimaal 55 euro de oere. Dêrnjonken hat de minister fan Justysje en Feiligens tasein dat fan jannewaris 2024 ôf it minimumtaryf foar tolken jierliks yndeksearre wurdt fia it Btis (Beslút tariven yn strafsaken). De stelselwiziging, en de ynfiering fan it minimumtaryf, waard yntrodusearre om merkwurking te befoarderjen. Tolken en yntermediêrs binne frij om tariven te ûnderhanneljen boppe it minimumtaryf. De útfiering fan de tolkontrakten foar it Iepenbier Ministearje en de rjochtspraak rint op it stuit, en de tsjinstferliening dy't ôfpraat is mei de yntermediêrs is yn febrewaris 2024 folslein ôfrûne. It kabinet beklammet dat de diskusje oer de tariven tusken tolken en yntermediêrs al plak fine kin, om't de kontrakten no definityf takend binne.

As in prosesdielnimmer oanjout dat hy of sy Frysk prate wol en ien fan de oare prosesdielnimmers gjin Frysk praat, kin der in tolk ynset wurde. It ynsetten fan in C1-tolk is wetlik ferplichte foar organisaasjes dy't as ferplichte ôfnimmers beskôge wurde, wat folget út de Wet beëdige tolken en oersetters.

Op it mêd fan strafrecht en ymmigraasje wurde it Iepenbier Ministearje en de rjochtspraak beskôge as ferplichte ôfnimmers en binne sy wetlik ferplichte om yn dizze strafsaken in C1-tolk op te roppen, as der in Fryske tolk oanfrege wurdt om't ien fan de prosesdielnimmers de Fryske taal net behearsket. It kabinet beklammet nochris dat it brûken fan de Fryske taal yn de rjochtseal stimulearre en fasilitearre wurdt.

21. De leden fan de D66-fraksje freegje hoe't it kabinet de lykwaardigens fan de Fryske taal yn de rjochtspraak beoardielet as it nedich is om acht dagen yn it foar oan te jaan dat men Frysk prate wol, wylst dat troch de wetjouwer net as betingst steld is?

De leden fan de ChristenUnie-fraksje freegje nei de wurking fan de Wet gebrûk Fryske taal yn de rjochtspraak. Dizze leden begripe dat der acht dagen yn it foar oanjûn wurde moat dat men Frysk prate wol, ek al is dat gjin wetlike betingst. Wat fynt it kabinet fan dizze gong fan saken?

Foar de tagonklikens en kwaliteit fan de rjochtspleging is it belangryk dat alle prosesdielnimmers de mûnlinge behandeling goed folgje kinne. Dat jildt foar meiwurkers fan de rjochtbank, mar ek foar partijen, fertochten, slachtoffers, tsjûgen, advokaten, saakkundigen en oaren dy't belutsen binne by in gerjochtlike prosedure. De rjochtbank freget prosesdielnimmers om acht dagen yn it foar oan te jaan dat se Frysk prate wolle. Dan kin de rjochter, as dat nedich is, bepale dat bystân fan in tolk nedich is en dizze op tiid oproppe. In tolk kin nedich wêze om in prosesdielnimmer by te stean dy't Frysk prate wol by de mûnlinge behandeling, mar ek om prosesdielnimmers dy't it Frysk net (genôch) behearskje, yn steat te stellen de mûnlinge behandeling goed te folgjen as der Frysk praat wurdt. It wurket beide kanten op: as der by de sitting foar in grut part Frysk praat wurdt, hawwe Nederlânsktaligen ek it rjocht om harren yn harren eigen taal te uterjen; in tolk is yn dat gefal nedich.

22. De leden fan de D66-fraksje en de CDA-fraksje freegje har ôf oft de minister ree is om in ûnôfhinklik ûndersyk yn te stellen nei de útfiering fan de Wet gebrûk Fryske taal troch de Rjochtbank Noard-Nederlân en it Gerjochtshôf Arnhim-Ljouwert, en oft de minister ree is om yn dat ûndersyk de mooglikheid op te nimmen fan in wiziging fan de rjochterlike kaart, sadat Frysktalige saken allinnich yn Ljouwert behannele wurde?

DINGtiid wiist yn de diskusjenotysje dy't DINGtiid taret hat foar de Rûnetafeldiskusje op tal fan ynsidinten dy't de lêste tiid de media hellen en dêr't oer berjochte waard dat de wet yn de rjochtseal net goed tapast waard.

It kabinet ûnderskriuwt it belang fan in goede tapassing fan de wet en it muoit it kabinet dat dizze ynsidinten plak fûn hawwe. De rjochtbank en it gerjochtshôf hawwe omtinken foar in goede tapassing fan de wet. Se kinne it brûken fan it Frysk stimulearre en fasilitearre, mar it is oan de yndividuele

rjochter om de oarder op sitting te bepalen. De rjochtbanken hawwe hjiryn gjin rol. It kabinet sil de Ried foar de Rjochtspraak wize op it belang fan in goede tapassing fan de wet. It kabinet sjocht gjin reden foar in ûnôfhinklik ûndersyk nei de útfiering fan de wet troch de rjochtbank en it gerjochtshôf.

Skaaimerik
2024-0000150909

Ferwizend nei it antwurd op fraach 18, sjocht it kabinet gjin reden om de mooglikheid fan in wiziging fan de rjochterlike kaart te ûndersykjen.

23. De leden fan de D66-fraksje fine it soarchlik dat rjochters oan Fryske prosesdielnimmers freegje oft se ek Nederlânsk prate wolle en blykber net op de hichte binne fan de taalrjochten fan Fryske prosesdielnimmers. Is de minister ree om der by de Ried foar de Rjochtspraak op oan te trunen dat rjochters oan de iene kant kursussen Frysk folgje kinne yn it ramt fan de ferplichte fierdere byskoalling en oan de oare kant prosesdielnimmers dy't it Frysk brûke wolle gerêststelle dat it gjin negative ynfloed hawwe sil op de útkomst fan harren proses? En is de minister ree om der by de Ried foar de Rjochtspraak op oan te trunen dat rjochters net freegje oan prosesdielnimmers oft se ek Nederlânsk prate en ferstean kinne en dat rjochters dy't it Frysk net (folsein) behearskje, in simultaantolk brûke?

Wat de kursussen Frysk oanbelanget, ferwiist it kabinet nei it antwurd op fraach 18. It kabinet ûnderskriuwt it belang fan in goede tapassing fan de wet. Ut in goede tapassing docht bliken dat it foar prosesdielnimmers dy't it Frysk brûke wolle, dúdlik is dat it gjin negative ynfloed hawwe sil op de útkomst fan harren proses, en dat prosesdielnimmers harren rjocht útoefenje kinne om Frysk te praten, sels as sy it Nederlânsk behearskje. In tolk kin nedich wêze as in rjochter it Frysk net (genôch) passyf behearsket, mar ek om de oare prosesdielnimmers dy't it Frysk net (genôch) behearskje, yn steat te stellen de mûnlinge behandeling goed te folgjen as der Frysk praat wurdt. De rjochtbank en it gerjochtshôf besteegje dêr omtinken oan en it kabinet sil dêr ek ekstra omtinken foar freegje by de Ried foar de Rjochtspraak.

24. De leden fan de D66-fraksje en de BBB-fraksje freegje oft de minister it winsklik achtet dat registrearre gerjochtstolken dy't allinnich by Fryske saken tolke mear jild kwyt binne oan ekstra byskoalling as se mei dizze saken fertsjinje? Fynt de minister dat it winsklik is dat registrearre gerjochtstolken al lang net mear tolke omdat de ynstânsjes net ree binne om it taryf dat se freegje te beteljen? Hokker stappen nimt it kabinet om dizze ympasse te trochbrekken, nei't it taryf foar gerjochtstolken al sa lange net yndeksearre is?

De ynset fan it kabinet is it stimulearjen en fasilitearjen fan it brûken fan de Fryske taal yn de rjochtspraak. In wichtige ynset is dan ek dat de meiwurkers fan de oanbelangjende rjochtbanken sels de Fryske taal passyf behearskje. De ynset fan tolk kin in mooglikheid wêze as meiwurkers it Frysk net (genôch) passyf behearskje, mar ek om prosesdielnimmers dy't it Frysk net (genôch)

behearskje, yn steat te stellen de mûnlinge behanneling goed te folgjen as der Frysk praat wurdt.

De stelselwizing foar tolken en oersetters binnen Justysje en Feiligens is rjochte op it útfieren fan tolkkontrakten, ynklusyf in minimumtaryf en byhearrende merkwurking. Oanbod en fraach spylje dêrby in rol. As it frege bedrach net troch ien fan beide partijen akseptearre wurdt, is it oan de ûnderhanneljende partijen om it oer de tariven iens te wurden. It Iepenbier Ministearje betellet op it stuit noch fêste tariven omdat de tolkkontrakten noch net folslein útfierd binne. De oanbesteging is no lykwols gund, en de kontrakten foar it Iepenbier Ministearje en de rjochtspraak sille yn febrewaris 2024 (folslein) yngean. It kabinet beklammet dat de diskusje oer de tariven tusken tolken en yntermediêrs al plak fine kin, om't de kontrakten no definityf takend binne.

Skaaimerik
2024-0000150909

Nei de útfiering fan it kontrakt fan it Iepenbier Ministearje/de Rjochtspraak komt ynformaasje beskikber oer it ynsetten fan tolken by dizze opdrachten. Sadree't dizze ynformaasje beskikber is, sil ûndersocht wurde oft/hokker fierdere stappen winsklik binne.

Foar de fierdere stappen yn de rjochtspraak ferwiis ik nei de antwurden op fragen 18 en 19.

25. De leden fan de ChristenUnie-fraksje freegje oft it kabinet it belang dielt fan it rjocht om Frysk te praten yn rjochtsaken fanwegen in goede rjochtsgong? Sy freegje benammen omtinken foar de posysje fan de tolken. Hokker stappen nimt it kabinet om de ympasse te trochbrekken tusken de tolken en de rjochtbanken? Op hokker wize wurdt de rjochtbank op dit punt en ek op oare punten yn steat steld om de wetlike ferplichtingen út te fieren?

It kabinet dielt it belang fan it rjocht om Frysk te praten yn rjochtsaken foar in goede rjochtsgong, en ferwiist ek nei it antwurd op de fragen 18 en 19 foar de fierdere stappen.

It ynsetten fan in beëdige tolk wurdt stimulearre yn in situaasje dêr't prosesdielnimmers de Fryske taal net passyf behearskje. De tolkkontrakten foar it Iepenbier Ministearje en de rjochtspraak binne al gund, mar noch net folslein útfierd. De kontrakten binne yn febrewaris 2024 (folslein) útfierd. Mei de útfiering fan dizze oanbesteging kinne gerjochtstolken ek foar it Iepenbier Ministearje en de rjochtspraak ûnderhannelje oer betingsten lykas tariven boppe it wetlik minimumtaryf.

Hjir moat lykwols grif opmurken wurde dat de rjochtbank en it gerjochtshôf gjin ynfloed hawwe op de fêststelling fan de tariven. Dizze ûnderhannelings fine plak tusken de yntermediêrs (tolkeburo's) en de tolken.

Ek de oare kosten dy't de rjochtbanken meitsje om de wetlike ferplichtingen út te fieren, komme yn oanmerking foar fergoeding.

Mei it foargeande en de maatregels dy't neamd binne yn de antwurden op de fragen 18, 20 en 24, wurde de moasjes fan it lid Palland⁸ en fan de leden Kwint en Van Nispen⁹ útfierd. Yn de moasje Palland wurdt it regear frege om yn oerlis mei de Provinsje Fryslân in oplossing te finen om de mooglikheid foar belutsenen om Frysk te praten yn de rjochtbank te boargjen. De moasje Kwint en Van Nispen freget it regear om, linksom of rjochtsom, te garandearjen dat it brûken fan de Fryske taal yn de rjochtbank boarge is, en dat in diskusje oer it taryf fan in needsaaklike C1-tolk dêrby net yn 'e wei sitte mei. Lykas hjirboppe neamd, wurde de tariven nei de útfiering fan de kontrakten fan it Iepenbier Ministearje en de rjochtspraak yn febrewaris 2024 bepaald troch ûnderhannelings tusken yntermediêrs (tolkeburo's) en de tolken, mei in garânsje fan it jildende minimumtaryf.

**Ministearje fan
Ynlânske Saken en
Keninkryksrelaasjes**
Direktoraat-generaal
Iepenbier Bestjoer en
Demokratyske Rjochtssteat

Skaaimerik
2024-0000150909

⁸ Keamerstikken II, 2021/22, 29 279, nr. 697.

⁹ Keamerstikken II, 2022/23, 36 200, nr. 136.

Soarch

- 26. De leden fan de VVD-fraksje fine it wichtich dat minsken har op in fertroude wize uterje kinne, benammen as se har kwetsber fiele. Dêrom ûnderskriuwe dizze leden mei klam it belang fan it behearskjen fan de Fryske taal yn de soarch, benammen yn Fryslân. Dat jildt sawol yn de kurative soarch (op sprekoere by de húsdokter, yn it sikehûs, ensfh.) as yn de langduorjende soarch. Yn it ferline hawwe der by sikehuzen projekten west om it brûken fan it Frysk te befoarderjen. Kin de minister oanjaan hoe't yn neifolging fan dit soarte fan projekten it Frysk fierder befoardere wurde sil yn de soarch, benammen rjochte op (demintearjende) âlderein yn Fryslân?**

Skaaimerik
2024-0000150909

Goede en passende soarch is klant- en pasjintrjochte en ôfstimd op de reële behoeften fan in persoan. Ut it perspektyf fan kultuerspesifyk en ferskaatsensityf wurkjen yn de soarch wei, ûnderskriuwe de ministers en steatssekretaris fan Folkssûnens, Wolwêzen en Sport it belang fan it behearskjen fan de Fryske taal yn de soarch yn Fryslân. Benammen as âldere pasjinten yn harren lêste libbensfaze binne, of demintearjend binne, is it noflik om yn de memmetaal kommunisearje te kinnen. Om de projekten rûnom it Frysk yn de soarch troch te setten, is it fan belang dat sikehûzen of soarchoanbieders hjir genôch omtinken foar hawwe. Om dat te stimulearjen, sil it ministearje dêroer yn petear mei dizze partijen út harren rol as wurkjouwer wei. Ek is it ministearje op dit stuit yn petear mei de Provinsje om te besjen hoe't de neamde projekten fierder befoardere wurde kinne. Dat wurdt fierder útwurke yn de bestjoersôfspraken.

- 27. De leden fan de D66-fraksje binne it kabinet tankber foar de stappen dy't nommen binne om de soarch yn Nederlân tagonklikker te meitsjen, sadat wy gjinien falle litte. Hokker stappen is de minister ree te nimmen om ynweners fan Fryslân de kâns te bieden om yn de soarch yn it Frysk ûntfongen en behannele te wurden?**

It is oan sikehûzen en soarchoanbieders om yn de soarch genôch omtinken te jaan oan de Fryske taal. Yn it ramt fan it oanbieden fan kultuerspesifike soarch sjocht it ministearje fan Folkssûnens, Wolwêzen en Sport (VWS) foar himsels in rol als oantruner troch, wêr dat nedich is, yn petear te gean mei brânsjferienings yn de soarch. Dat is koartlyn ek kommunisearre yn de earste fuortgongsrapportaazje oer de VWS-brede oanpak fan diskriminaasje en gelikense kânsen¹⁰.

- 28. De leden fan de CDA-fraksje diele dat it yn sikehuzen en ferpleechhuzen mooglik wêze moat om Frysk te praten. It is wichtich om josels goed út te drukken, benammen yn de lêste libbensfaze. Mei emoasjes giet dat yn 'e memmetaal no ienkear makliker. Dêr falle minsken automatysk op werom. Hoe kin de minister dat befoarderje fia de BFTK?**

¹⁰[Brief oan de Twadde Keamer mei de 1e fuortgongsrapportaazje oer de VWS-brede oanpak fan diskriminaasje en gelikense kânsen | Keamerstik | Rijksoverheid.nl](#)

It ministearje fan Folkssûnens, Wolwêzen en Sport hat in oantrúnjende rol yn it ramt fan it oanbieden fan kultuerspesifike soarch. Dat docht it ministearje troch, wêr dat nedich is, yn petear te gean mei brânsjferienings yn de soarch. Hjir is koartlyn ek oer kommunisearre yn de earste fuortgongsrapportaaazje oer de VWS-brede oanpak fan diskriminaasje en gelikense kânsen¹¹. Ek is it ministearje op dit stuit yn petear mei de Provinsje om te besjen hoe't de neamde projekten fierder befoardere wurde kinne. Dat wurdt fierder útwurke yn de bestjoersôfspraken.

Skaaimerik
2024-0000150909

29. De leden fan de BBB-fraksje freegje hokker stappen de minister ree is te nimmen om ynweners fan Fryslân de kâns te bieden om yn de soarch yn it Frysk ûntfongen en behannele te wurden.

Ut it perspektyf fan kultuerspesifyk en ferskaatsensityf wurkjen yn de soarch wei, ûnderskriuwe de ministers en steatssekretaris fan Folkssûnens, Wolwêzen en Sport it belang fan it behearskjen fan de Fryske taal yn de soarch yn Fryslân. It is oan sikehûzen en soarchynstellings om dit út te fieren. It ministearje fan Folkssûnens, Wolwêzen en Sport (VWS) hat dêr in oantrúnjende en ynformative rol yn. Dat docht VWS troch, wêr dat nedich is, yn petear te gean mei brânsjferienings yn de soarch. Yn desimber 2022 is de beliedsnota kultuersensitive soarch publisearre. De status fan dizze maatregels is koartlyn dield mei de Twadde Keamer yn de earste fuortgongsrapportaaazje oer de VSW-brede oanpak fan diskriminaasje en gelikense kânsen. Dêrnjonken sil VWS, wêr dat nedich is, yn petear gean mei brânsjferienings yn de soarch. Als lêste is it departemint op dit stuit yn petear mei de Provinsje oer hoe't beide partijen de ambysjes dy't yn de BFTK steane fierder ynfolling jaan kinne.

Underwiis en berne-opfang

Algemien

30. De leden fan de D66-fraksje fine it ûnderwiis de wichtichste springplanke foar folweardige partisipaasje yn de maatskippij en ûnderskriuwe de fyzje fan it kabinet dat it Frysk in basisfeardigens is yn de provinsje Fryslân. De leden fan de D66-fraksje en de leden fan de BBB-fraksje freegje oft it kabinet de opfetting dielt dat de Fryske taal en kultuer op in heech nivo oanbean wurde moat yn in trochgeande, gearhingjende learline fan pjut oant promovendus? Is de minister ree om dêrfoar maatregels op te nimmen yn de kommende bestjoersôfspraak?

Skaaimerik
2024-0000150909

Dêrnjonken freegje de leden fan de D66-fraksje oft it kabinet it winsklik fynt dat der noch hieltyd in draachflakkonstruksje foar it ferplichte fak Frysk yn de wet opnommen is, in basisfeardigens yn de provinsje Fryslân? De leden fan de VVD-fraksje komme ta deselde konstataarring en freegje oft de minister fan miening is dat dit yn de provinsje Fryslân as basisfeardigens sjoen wurde moat.

De minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip (OCW) en de minister foar Basis- en Fuortset Underwiis (MPVO) sette har yn foar it fersterkjen fan in trochgeande en gearhingjende learline fan pjut oant promovendus. Sa wurde op it stuit de besteande kearndoelen en eintermen foar it basisûnderwiis opnij besjoen. Dat is in soarchfâldich proses dêr't sawol troch de Provinsje Fryslân as it Ryk hurd oan wurke wurdt. Wat it fuortset beropsûnderwiis oanbelanget, is it wichtich dat mbû-learlingen de Fryske taal goed behearskje, omdat in protte fan dy learlingen letter yn de provinsje Fryslân oan it wurk geane. De line dy't yn de eardere bestjoersôfspraak al útset is, mei it stribjen dat mbû-learlingen taret wurde op de lokale arbeidsmerk en in meartalige beropstekst, bygelyks troch it útwreidzjen fan it tal mbû-opliedings dat in kardiell Frysk oanbiedt, wurdt trochset yn de nije bestjoersôfspraak. Wat it heger ûnderwiis oanbelanget, hechtet de minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip belang oan wittenskiplik ûnderwiis en ûndersyk nei de Fryske taal en kultuer, ek fanwegen de offisjele status fan it Frysk yn de provinsje Fryslân. Mei troch it lytse tal studinten op universitêr nivo rûn de trochgeande learline nei promovendus net goed troch. Dizze trend sjogge we net allinnich by it Frysk, mar ek oare taalopliedings, en is ynternasjonaal te sjen. Yn jannewaris 2024 hat de KNAW har advysrapport "De takomst fan de frisistyk" publisearre, oer it Frysk yn wittenskiplik ûnderwiis en ûndersyk. De minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip is, yn oerienstimming mei it amendemint fan it lid De Hoop c.s.¹², dat yntsjinne is nei oanlieding fan de oanbefellings fan it KNAW-rapport, ree om struktureel 340.000 euro beskikber te stellen foar akademysk Frysk.

¹² Twadde Keamer, gearkomstjier 2023-2024, 36 410 VIII, nr. 44.

Hjirmei wurdt nei ferwachting ek de trochgeande learline fan pjut oant promovendus fersterke.

De draachflakstruktuer yn de Wet op it basisûnderwiis, de Wet op it fuortset ûnderwiis 2020 en de Wet op de saakkundigenssintra is fan tapassing op it proses foar it fêststellen fan de keardoelen Frysk en net op it ûnderwiis op it ferplichte leargebiet Fryske taal en kultuer. De ynhâld fan it leargebiet Fryske taal en kultuer wurdt beskreaun yn de keardoelen (basisûnderwiis, ûnderbou fuortset ûnderwiis) en de eksamenprogramma's (boppebou fuortset ûnderwiis). Om't der in útsûndering is foar it Frysk dat de Provinsjale Steaten fan Fryslân de keardoelen bepale, binne de wetlike regels bedoeld om ôfwagings en besluten oer it ûnderwiis yn de Fryske taal safolle mooglik oer te litten oan de Provinsje Fryslân. It is wichtich dat de keardoelen Frysk oanslute by maatskiplike ûntjouwings en dúdlik beskriuwe wat learlingen witte en kinne moatte. De wetlike regels binne ek bedoeld om it oanbod fan it Frysk te optimalisearjen en de kwaliteit fan it Frysk te boargjen.

Skaaimerik
2024-0000150909

31. Leden fan de GroenLinks- en PvdA-fraksjes jouwe oan dat de eardere foargonger fan de hjoeddeiske minister foar Basis- en Fuortset Underwiis oanjûn hat it Frysk as ien fan de basisfeardigens te sjen en dat it dêrom ek omtinken fertsjinnet yn it masterplan basisfeardigens. Dochs neamde de associate lector Meartaligens en Lêsfeardigens oan NHL Stenden it Masterplan Basisfeardigens 'hiel gefaarlik' foar de Fryske taal op skoalle. Dat komt omdat it de bedoeling is dat 70 prosint fan de lestiid bestege wurdt oan basisfeardigens, dêr't gjin wurd Frysk by wêze soe (sjoch ek *Friesch Dagblad*, 'Masterplan basisfeardigens 'hiel gefaarlik' foar it Frysk op skoalle', 6 novimber 2022). Hoe ferklearret de minister dizze folslein oare persepsje? (OCW)

It is wichtich dat alle bern fan skoalle komme mei genôch feardigens yn lêzen en rekkenjen en mei genôch kennis fan 'e maatskippij. Dit is wêr it masterplan foar basisfeardigens op tasjocht. It masterplan basisfeardigens rjochtet him op de leargebieten taal, rekenen/wiskunde, digitale feardigens en boargerskip. Dat betsjut net dat skoallen in fêst persintaazje fan de lestiid besteegje moatte oan basisfeardigens. Boppedat binne lêzen, skriuwen en rekkenjen feardigens dy't nuttich wêze kinne by oare fakken, lykas skiednis en ekonomy. Yn it ramt fan it masterplan besteegje wy ek omtinken oan de taalfeardigens fan learlingen yn in meartalige omjouwing. It Frysk is dêr in goed foarbyld fan. Ut ûndersyk docht bliken dat meartaligens yn it ûnderwiis bydraacht oan taalfeardigens. Der is dan ek romte foar skoallen om yn it ramt fan it masterplan ek oan it Frysk te wurkjen.

Foarskoalsk ûnderwiis/berne-opfang

32. De leden fan de VVD-fraksje begripe dat it doel fan it foarskoalsk ûnderwiis benammen is om de Nederlânske taal goed te behearskjen. Ut ûndersyk docht lykwols bliken dat it brûken fan in oare taal, yn dit gefal it Frysk, ek in posityf effekt hat op de taalfeardigens. Ek mei it

each op it feit dat it Nederlânsk en it Frysk lykweardige rykstalen binne, freegje se har noch ôf oft it Frysk ek brûkt wurde kin as ynstruksjetaal yn it foarskoalske ûnderwiis.

De leden fan de D66-, SP- en BBB-fraksjes konstatearje dat der yn it foarskoalsk ûnderwiis ûndúdlikens is oer it Frysk, benammen yn relaasje ta net-Frysktalige doelgroepbern. Dizze leden wize der op dat earder by it behanneljen fan wetjouwing oanjûn is dat it Frysk lykweardich is oan it Nederlânsk, dat gemeenten de mooglikheid hawwe om foarskoalsk ûnderwiis yn it Frysk oan te bieden en dat de Provinsje Fryslân de romte hat om foarskoalsk ûnderwiis yn twa talen oan te bieden (Nederlânsk en Frysk). Is it kabinet ree om, yn oerlis mei de Provinsje Fryslân, dizze ûndúdlikens fuort te nimmen en te befêstigjen dat it Frysk en it Nederlânsk yn alle opsichten lykweardige rykstalen binne yn de provinsje Fryslân en dat it Frysk as fiertaal njonken it Nederlânsk yn it brûkt wurde mei yn it foarskoalsk ûnderwiis, ek mei it each op de trochgeande learline mei it basisûnderwiis?

Skaaimerik
2024-0000150909

De leden fan de D66-fraksje konstatearje ek dat der yn de berne-opfang ek ûndúdlikens is oer it Frysk. Sy wize der op dat earder by it behanneljen fan wetjouwing oanjûn is dat it Frysk lykweardich is oan it Nederlânsk, en dat it Nederlânsk, it Frysk of beide as fiertaal yn de berne-opfang yn Fryslân brûkt wurde meie. Is it kabinet ree om, yn oerlis mei de Provinsje Fryslân, dizze ûndúdlikens fuort te nimmen en te befêstigjen dat it Frysk as twadde rykstaal in lykweardige fiertaal is yn de berne-opfang?

Yn earsten is it fan belang om te beklamjen dat der in ferskil is tusken berne-opfang en foarskoalsk ûnderwiis. Wylst de opfang foar alle bern bedoeld is, foarmje bern yn it foarskoalsk ûnderwiis in spesjale groep. Sy hawwe in yndikaasje krigen omdat se in grutter risiko hawwe op in taalefterstân yn it Nederlânsk (Wet op it basisûnderwiis). Doel fan foarskoalsk ûnderwiis is om pjutten mei in yndikaasje te helpen in goede start te meitsjen op de basisskoalle.

Fryske berne-opfangsintra kinne, njonken de Nederlânske taal, it Frysk oanbiede oan alle bern yn de reguliere berne-opfang (kêst 1.55 fan de Wet berne-opfang). Njonken it Nederlânsk kin it Frysk ek brûkt wurde as fiertaal yn it foarskoalske ûnderwiis. De minister foar Basis- en Fuortset Underwiis erkent dat út ûndersyk bliken docht dat it brûken fan in oare taal ek in posityf effekt hawwe kin op de taalfeardigens. Tagelyk giet it by foarskoalsk ûnderwiis mar om 16 oeren yn 'e wike. Dêrom moat binnen it foarskoalsk ûnderwiis genôch omtinken foar it Nederlânsk garandearre wurde.

- 33. De leden fan de Groenlinks/PvdA-fraksje hawwe in ferlykbere fraach. Sy konstatearje dat it Frysk yn de berne-opfang allinnich brûkt wurde mei as alle bern yn in groep it Frysk as thústaal hawwe. De leden jouwe oan dat 90 prosint fan de Fryske berne-opfangsintra bern hat dy't thús gjin Frysk prate, wat betsjut dat de mooglikheid fan**

Frysktalige berne-opfang tige beheind is. Erkent de minister dat de measte bern dêr't Frysk net de thústaal foar is ek taret wurde moatte om te funksjonearjen yn in maatskippij dy't foar in grut part Frysktalich is? Soe it foar dy bern ek net weardefol wêze om yn de berne-opfang yn de kunde te kommen mei de Fryske taal?

Skaaimerik
2024-0000150909

Foar bern yn de berne-opfang yn Fryslân is it goed om yn de kunde te kommen mei it Frysk. Dêrmei is it mooglik om de oansluting ta stân te bringen mei de Frysktalige maatskippij en de trochgeande learline nei it basisûnderwiis. De Wet berne-opfang jout romte om yn Fryslân de Fryske taal njonken it Nederlânsk te brûken. Fryske berne-opfangsintra kinne diels Frysk oanbiede oan alle bern yn de reguliere berne-opfang, nettsjinsteande de taal dy't it bern thús praat.

Basis-/fuortset ûnderwiis

34. De leden fan de D66-fraksje fine it tige wichtich dat it fak Fryske taal en kultuer yn it basis- en fuortset ûnderwiis fersterke wurdt, om in nije generaasje opgroei te litten yn in folslein twatalige provinsje Fryslân. Is de minister ree om yn de kommende bestjoersôfspraak maatregels op te nimmen dy't bydrage oan it ferbetterjen fan it imago fan it fak Fryske taal en kultuer as basisfeardigens yn de provinsje Fryslân? Hokker stappen is it kabinet ree om te nimmen om it kwalitative tafersjoch troch de Underwiisynspeksje op it realisearjen fan de keardoelen foar it fak yn it basis- en fuortset ûnderwiis te fersterkjen?

Fan 2024 ôf komme der, nei oanlieding fan it amendemint fan it lid Van der Molen, struktureel ekstra middels frij foar learkrêften Frysk yn it basis- en fuortset ûnderwiis. Yn de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer binne ôfspraken makke oer hoe't dy middels ynset en besteegje kinne. De fokus leit hjirby op it oanlûken, stimulearjen, oplieden, neiskoaljen en begelieden fan learkrêften. Ek wurdt der omtinken jûn oan it oantrekliker meitsje fan it leargebiet Fryske taal en kultuer. Der wurdt besocht oan te heakjen by besteande (regionale) inisjativen om it algemien leararetekoart oan te pakken. Sa wurkje it Ryk en de Provinsje Fryslân gear oan dy opjeften.

De Underwiisynspeksje hâldt tafersjoch op it ûnderwiisoanbod, ynklusyf it skoalfak Frysk. De ferantwurdlikens foar goed ûnderwiis leit by de skoalbestjoeren. Dat jildt ek foar it Fryske ûnderwiisoanbod en de kwaliteit dêrfan. De Ynspeksje slút yn har tafersjoch oan by dy ferantwurdlikens, ek foar it Frysk by de skoalbestjoeren dy't skoallen hawwe yn Fryslân en dy't it Frysk oanbiede moatte. Yn elk fjouwerjierliks ûndersyk is de stân fan saken foar it Frysk ien fan de te ûndersykjen tema's en it komt yn alle begjinpetearen oan bod. It Frysk kin ek diel útmeitsje fan ferifikaasjeaktiviteiten¹³ op skoallen. As bestjoeren en/of skoallen net

¹³ [Tafersjoch op skoallen | It fjouwerjierlikse ûndersyk fan bestjoeren en skoallen | Underwiisynspeksje \(onderwijsinspectie.nl\)](#)

foldogge oan de wetlike easken, hat de Ynspeksje it foech om yn te gripen en kin sy wêr nedich in reparaasjeoarder jaan. De Ynspeksje hat de kennis en saakkundigens om dit tafersjoch út te fieren. Njonken it tafersjoch op it Frysk by skoallen en bestjoeren docht de Ynspeksje ek tematysk ûndersyk nei it Frysk. Dit ûndersyk hat foar it lêst plak fûn yn 2019. It folgjende ûndersyk stiet op de wurklist foar 2025.

Skaaimerik
2024-0000150909

Heger ûnderwiis

35. De leden fan de VVD-fraksje konstatearje dat, njonken harren rol by de nijsfoarsjenning, de Frysktalige media ek wichtich binne foar it befoarderjen fan de Fryske taal. It is dreech om genôch Frysktalige sjoernalisten oan te lûken. By de Rûnetafeldiskusje waard suggerearre om in minor Frysktalige sjoernalistyk op te setten om dat gat op te foljen. Dizze leden hawwe dêr mei belangstelling kennis fan nommen. Is de minister ree om te sykjen nei mooglikheden om dizze minor te ûntwikkelen en yn stân te hâlden, ek al har minder as 25 studinten oanmelde?

Hegerûnderwiisinstellings krije út it ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip wei hjirfoar in ryksbydrage, yn de foarm fan in lumpsum. Underwiisinstellings hawwe hjirby in hege graad fan bestegingsfrijheid en bepale sels de ynhâld fan it ûnderwiis dat sy oanbiede. Dat is fêstlein yn de Wet op it heger ûnderwiis en wittenskiplik ûndersyk. Hegerûnderwiisinstellings hâlde yn har ûnderwiisoanbod kontinu rekken mei de behoeften fan de arbeidsmerk, benammen yn it heger beropsûnderwiis. Der binne ferskate bewegings geande. Ien foarbyld is it traineeprogramma fan De Ljouwerter Krante, it Friesch Dagblad en Omrop Fryslân om sjoernalisten op te lieden yn de Fryske taal en kultuer. De steatssekretaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip sil mei de Provinsje ûndersykje hoe't in minor Frysktalige sjoernalistyk stipe wurde kin. Definitive ôfspraken dêroer wurde fêstlein yn de nije BFTK.

36. De leden fan de GroenLinks- en PvdA-fraksjes hawwe mei wat soargen kennis nommen fan de reaksje op de moasje fan de leden Kuiken en Romke de Jong, wêryn't de Keamer it regear fersocht om it ambysjenivo yn de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer te ferheegjen (Keamerstik 36 200-VIII, nr. 135). De leden fan de GroenLinks- en PvdA-fraksjes achtsje it beskermjen en befoarderjen fan streektaal en dialekten fan grut belang en wolle dat dat berikt wurdt foar it Frysk, dat ommers de twadde rykstaal is yn de provinsje Fryslân. Wat dat oanbelanget, is it foar dizze leden in grutte soarch dat it Komitee fan Saakkundigen fan de Ried fan Europa ôfrûne simmer oer it neilibjen fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen konkludearje moast dat "oer it gehiel de posysje fan it Frysk oan universiteiten sûnt de earste evaluaasje yn 2001 oanhâldend achterút buorke hat" en dat "it ûnderwiissysteem foar it Frysk ferbettere wurde moat". Wat is de reaksje fan de minister op dit

oardiel? Hoe jout er stal oan de útfiering fan de hast keamerbreed oannommen moasje fan de leden De Hoop en Van der Molen oer de wetlike ferankering fan it wittenskiplik ûnderwiis yn it Frysk (Keamerstik 36 200-VIII, nr. 96), sadat dit wittenskiplike ûnderwiis ek yn 'e heine takomst oanbean wurde sil?

Skaaimerik
2024-0000150909

De minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip is bekend mei de ynhâld fan it rapport fan it Komitee fan Saakkundigen oer it universitêre Frysk yn it heger ûnderwiis en nimt it serieus. Hy stelt it ek op priis dat de KNAW de tiid nommen hat om it advysrapport "De takomst fan de frisistyk" op te stellen. Ut dit advysrapport docht ek bliken dat de Ryksoerheid in rol te spyljen hat by it fersterkjen fan akademysk ûnderwiis en ûndersyk. Dêrom is er neffens it amendemint fan it lid De Hoop c.s. ree om 340.000 euro struktureel beskikber te stellen foar it akademysk Frysk. De minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip sil de mooglikheden ûndersykje, yn gearspraak mei de RUG, it ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes en de Provinsje Fryslân. It is hjirby fan belang om te neamen dat de autonomy fan Nederlânske hegerberops- en universitêre ynstellings it opsetten en beëinigen fan nije opliedings befiet, mar ek de ynhâld fan programma's dy't ûnder de opliedings falle.

Oangeande de moasje fan de leden De Hoop en Van der Molen oer de wetlike ferankering fan it wittenskiplik ûnderwiis yn it Frysk kin de minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip oanjaan dat de mooglikheden foar it útfieren fan dizze moasje ûndersocht binne. Ut dit ûndersyk docht bliken dat it dreech is om it oanbieden fan in oplieding wetlik te ferankerjen, om't dit net yn oerienstimming is mei de Wet op it heger ûnderwiis en wittenskiplik ûndersyk. De wet leit de ferantwurdlikens foar it ûnderwiisoanbod by de ynstellings en net by de Ryksoerheid. Dit hat te krijen mei de akademyske frijheid fan ynstellings. Hy hat earder al oanjûn dat er it KNAW-advysrapport dêr ek yn meinimme wol. De KNAW sjocht it oangean fan in konvenant mei de ûnderwiisinstelling oer de beskikbere middels foar it akademysk Frysk as in mooglike metoade om de wetlike ferankering út te fieren. De minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip is it dêrmei iens en is fan doel in konvenant oan te gean mei de oanbelangjende ynstelling. Mei it oangean fan it konvenant achtet er de moasje De Hoop/Van der Molen as ôfdien.

MBU

37. De leden fan de VVD-, de SP- en de D66-fraksjes freegje oft de minister it iens is mei de stelling dat it foar mbû-learlingen dy't yn Fryslân studearje, en nei alle gedachten yn de provinsje Fryslân wurkje sille, wichtich is dat se de Fryske taal behearskje? Hokker rol sjocht de minister foar in mooglike praktoraat yn it mbû? Is de minister ree om dêr op yn te gean yn de kommende bestjoersôfspraak?

Ek de leden fan de GroenLinks- en PvdA-fraksjes freegje yn hoefier't it kabinet ek in rol foar himsels sjocht by it omtinken foar it Frysk by

de praktoraten yn de provinsje?

Dêrneist freegje de leden fan de D66-fraksje oft it kabinet it wichtich fynt dat it regionale taalklimaat yn kwalifikaasjedossiers meinommen wurdt?

Skaaimerik
2024-0000150909

It kabinet erkent dat ek in protte mbû-learlingen yn Fryslân yn de provinsje wurkje sille en dat it foar harren wichtich is om de Fryske taal te behearskjen. Yn de besteande bestjoersôfspraak is dêrom fêstlein dat it ûntwikkeljen fan taalbelied yn in beropsrjochte kontekst op basis fan de winsken fan it regionale bedriuwslibben by de Fryske ROC's en it AOC fan grut belang is en bliuwt, en dat dat troch de Provinsje fierder stimulearre wurdt. Ek wie it stribjen om it tal mbû-opliedingen dat Frysk as kardiël oanbiedt út te wreidzjen yn de rin fan de besteande bestjoersôfspraak. Ek yn de nije bestjoersôfspraak sprekke de Provinsje en it Ryk harren stribjen út om mbû-learlingen ta te rieden op de lokale arbeidsmerk en in meartalige beropstekst, troch yn it mbû rom oandacht te jaan oan it regionale taalklimaat en de Fryske taalfeardigens.

Yn desimber 2022 hat jo Keamer in moasje oannommen dy it regear freget om DINGtiid in ûndersyk dwaan te litten nei it ûnderwiis yn de Fryske taal yn it mbû, en wurdt DINGtiid frege om spesifike oanbefellings te dwaan foar de takomst fan it ûnderwiis yn de Fryske taal. DINGtiid sil dat yngeande ûndersyk yn 2024 útfiere, mar yn ôfwachting dêrfan hawwe sy op koarte termyn yn in brief¹⁴ al wat oanrekommadaasjes dield mei de minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip. Dy oanrekommadaasjes geane ûnder oare in op in praktoraat Meartaligens. De reaksje fan de minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip op dizze brief wurdt dizze maitiid dield mei de Keamer. It kabinet wachtet de fierdere oanrekommadaasjes ôf. Dizze oanrekommadaasjes sille nei alle gedachten ek yngean op de rol fan de kwalifikaasjedossiers en it plak fan it Frysk yn dat ferbân. Ek wurdt ferwachte dat yngean wurdt op hoe't it regionale taalklimaat yn Fryslân it bêste posisjonearre wurde kin yn it mbû. De oanrekommadaasjes wurde yn de rin fan 2024 ferwachte.

De minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip fynt it ûntwikkeljen fan praktoraten fan grut belang foar de ynnovaasje- en ûndersykskrêft yn it mbû. Dêrom hat er yn de Wurkaginda mbû ek tasein middels beskikber te stellen foar ûnder oare it ûntwikkeljen fan nije praktoraten. In praktoraat dat him rjochtet op meartaligens soe in wichtige rol spylje kinne by it ûntwikkeljen en optimalisearjen fan in regionaal taalklimaat yn bygelyks Fryslân. Dêrneist is der op 16 jannewaris, by de behandeling fan de begrutting foar OCW 2024, in amendemint yntsjinne om yn de rin fan de nije bestjoersôfspraak jierliks in bedrach beskikber te meitsjen foar de ynrjochting en útfiering fan in praktoraat dat him rjochtet op meartaligens en lêsfeardigens. It oardiel hjiroer wurdt oerlitten oan de Keamer, dy't nei't ferwachte wurdt, hjir mids febrewaris oer stimme sil.

¹⁴ <https://dingtiid.frl/nl/adviesbrief-stel-snel-practoraat-fries-en-meertaligheid-in-voor-het-mbo/>

Wittenskip

38. De leden fan de VVD-fraksje freegje de minister om nei te tinken oer de konstatearring fan de Ried fan Europa dat de universitêre frisistyk de ôfrûne tweintich jier oanhâldend achterút buorke hat? Erkent de minister dat it achterút buorkjen fan de frisistyk sawol net-winsklik as tige dreech omkearber is? Hokker maatregels kin en sil de minister nimme foar it duorsum fuortbestean fan de frisistyk?

Skaaimerik
2024-0000150909

It is wier dat it totale oanbod oan fakken oer de Fryske taal en kultuer op universitêr ûnderwiisnivo de ôfrûne tweintich jier ôfnommen is. Dat die ek bliken út it advysrapport "De takomst fan de frisistyk" fan de KNAW. Dat hat bot te krijen mei it ôfnimmende tal studinten, dat past yn in brede, ynternasjonale trend dy't in soad taalstúdzjes treft. De minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip hechtet wearde oan universitêr ûnderwiis en ûndersyk nei it Frysk, mei om de offisjele status fan it Frysk yn de provinsje Fryslân. Dêrom is er ree om neffens it amendemint fan it lid De Hoop c.s. struktureel 340.000 euro beskikber te stellen foar it akademysk Frysk.

39. De leden fan de SP-fraksje en de D66-fraksje freegje de minister hokker wearde hy hechtet oan de frisistyk as wittenskiplik fjild en hoe him dat ferhâldt ta de nearlandistyk? Hoe ferhâldt dat stânpunt him ta de konstatearring fan de Ried fan Europa dat de universitêre frisistyk de ôfrûne tweintich jier oanhâldend achterút buorke hat? Dielt de minister de soargen oer oan de iene kant it tekoart oan akademisy dy't har yn de frisistyk ferdjipje (kinne) en oan de oare kant it tekoart oan studinten dy't it Frysk as twadde stúdzje folgje troch systeemferoarings en dermei oer it fuortbestean fan dit fjild? Erkent de minister dat it ôfbrekken fan de frisistyk sawol net-winsklik as mooglik net-omkearber is, of tige dreech omkearber is? En erkent de minister it belang fan in goed ûntwikkele en duorsum ynbêde (wittenskiplike) digitale ûndersyksynfrastruktuer foar it fersterkjen fan de akademyske frisistyk? Is de minister ek ree om maatregels te nimmen om it fuortbestean fan de frisistyk op lange termyn te garandearjen?

It is fan maatskiplik belang dat heger ûnderwiis fersoarge wurdt en dat der ûndersyk dien wurdt sawol nei it Nederlânsk as it Frysk. De minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip erkent dat it brede oanbod Frysk ôfnommen is. Dat komt foar in part troch it lytse tal studinten. De trochgeande learline fan studint oant promovendus is dêrtroch swakker wurden. De trend fan minder studinten is net allinnich by it Frysk sichtber, mar ek by oare taalstúdzjes. De minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip hat dêrom ynvestearre yn it sektorplan Talen en Kultueren, dat makke is troch de dekanen fan de hegerûnderwiisinstellings. De minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip hopet de ynternasjonale trend, wêrby't hieltyd minder studinten kieze foar in talestúdzje, te trochbrekken. De minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip hat ek oanjûn it amendemint fan it lid De Hoop c.s., om

struktureel 340.000 euro beskikber te stellen foar it akademysk Frysk, te stypjen.

Yn 2010 is besletten dat de Oerheid foar studinten ien bachelor- en ien masteropleiding finansiere sil. Dit betsjut dat studinten foar harren earste bachelor- of masteropleiding it *wetlik taryf* oan kolleezjejild foar dizze stúdzje betelje. It wetlik taryf wurdt jierliks troch de Oerheid fêststeld en is foar alle ûnderwiisynstellings itselde. De achterlizzende redenearring is dat de Oerheid mei publike middels elkenien de kâns jaan wol om ien bachelor- en ien mastertitel te heljen. It is wier dat dêrnei fan diplomearden ferwachte wurdt dat sy sels in mooglike twadde opleiding finansiere en dêr meastentiids it *ynstellingstaryf* foar betelje; dat jildt ek foar it Frysk. It ynstellingstaryf is heger as it wetlik taryf en wurdt bepaald troch de hegeskoalle of universiteit, yn oerlis mei har partisipaasjeorganen. Der binne twa útsûnderings. De earste is as in studint de twadde stúdzje lyktidich mei de earste stúdzje begûn is of folget. Yn dat gefal betellet de studint it wetlik taryf oan kolleezjejild foar it ôfrûnjen fan beide stúdzjes (en dus net mear as ien kear it wetlik taryf yn it jier). Dêrnjonken jildt it wetlik taryf as de twadde stúdzje de soarch- of ûnderwiissektor oanbelanget (ynklusyf de learare-opleiding Frysk) en de studint noch gjin graad helle hat yn ien fan dy sektoaren. De minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip binne gjin ûndersiken bekend dêr't út bliken docht dat der in direkte relaasje is tusken de wetswizinging fan 2010 en it ôfnimmende tal studinten Frysk.

De minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip hechtet belang oan it ûndersyk nei de Fryske kasus, dêr't njonken de frisistyk ek it ûndersyk nei de skiednis, erfgoed en kultuer fan Fryslân ûnder falle. Dêrom finansiere it Ryk en de Provinsje Fryslân de Fryske Akademy tegearre. De kearnzaak fan de Fryske Akademy is it dwaan fan heechwaardich wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske kasus, mei ympakt. De Fryske Akademy wurket gear mei ferskate kennisynstellings (wêrûnder de Ryksuniversiteit Grins, de Universiteit Utrecht en de Universiteit fan Amsterdam) oan ûndersyk nei de Fryske kasus. De oansluting fan de digitale ynfastruktuer op lanlike ûntjouwings is wichtich. Dêrta wurket de Fryske Akademy gear mei it Ynstitút foar de Nederlânske Taal, it Humanities Cluster fan de KNAW en yn CLARIAH-projekten.

Kultuer

40. De leden fan de VVD-fraksje jouwe oan dat it ûnderhâlden en stimulearjen fan sawol in kulturele ynfrastruktuer as in rykstaal ekstra ynset ferget fan de Provinsje Fryslân. Dielt de minister dizze miening? Erkent de minister dat dit foar beide kanten, nammentlik kultuer en taal, stipe en omtinken freget fan it Ryk? Is de minister ree om dizze bysûndere oandacht te jaan troch oan in saakkundige dy't de belangen fan de Frysktalige minderheid fan ús lân fertsjinwurdigje kin in fêste posysje ta te kennen yn de Ried foar Kultuer?

Skaaimerik
2024-0000150909

De steatssekretaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip dielt de miening dat it ûnderhâlden en stimulearjen fan sawol in kulturele ynfrastruktuer as in rykstaal ekstra ynset freget fan sawol de Provinsje as it Ryk. Mei om dy reden meitsje wy oer beide ûnderwerpen ek ôfspraken yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer.

De Ried foar Kultuer is in advysorgaan foar ûnder oare de kulturele ynfrastruktuer fan hiel Nederlân, en hâldt ek rekken mei de ûntjouwing fan de Frysktalige kultuer. Wêr nedich, lûkt de Ried hjir ynsidintele ekstra saakkundigens foar oan, sadat der foldwaande kennis oer de Fryske taal en kultuer oanwêzich is om in ynhâldlike beoardieling mooglik te meitsjen. By it beneamen fan riedsleden wurdt omtinken jûn oan de fersprieding fan riedsleden oer it hiele lân. De Ried fertsjintwurdiget net de belangen fan bepaalde regio's yn it lân. De steatssekretaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip is dêrom net fan doel in fêste posysje yn de Ried foar Kultuer oan te wizen om de belangen fan de Frysktalige minderheid te fertsjinwurdigjen.

Ynternasjonale kultuerbelied

41. De leden fan de D66-fraksje binne it kabinet tige tankber foar de pro-Europeeske hâlding dy't it yn dizze kabinetsperioade sjen litten hat en foar de ferantwurding dy't it ôflein hat yn it belang fan ynternasjonale gearwurking. Is de minister ree om yn de nije bestjoersôfspraak mear omtinken te jaan oan grinskрусende gearwurking oangeande minderheidstalen en kulturele útwikseling op Europeesk nivo? Dielt de minister de fyzje dat Nederlân ek rjochting it bûtenlân de mearwearde fan de Fryske taal en kultuer útstriele moat?

It is ynspirearjend om ynternasjonale kennis en best practices út te wikseljen oer it plak fan minderheidskultueren en relatearre taaleleminten yn ferskillende lannen. Dat helpt by it libben hâlden en stimulearjen fan de Fryske taal en kultuer. Dêrby moat tocht wurde oan útwikselingen en grinskрусende kontakten oangeande taal, kultuer en ûnderwiis. De Ryksoerheid stipet de Provinsje Fryslân dêryn en hat hjirfoer geregeld oerlis.

It besikersprogramma út Itaalje wei oan Fryslân, dat yn 2022 organisearre is troch de Provinsje, de Nederlânske ambassade en Dutch Culture, kin as foarbyld tsjinje. Dit hat resultearre yn konkrete projekten, lykas it stik fan it

Fryske toanielselskip Pier21 dat yn 2023 yn it Friulysk opfierd is yn Itaalje en in Fryske dichter dy't optreden hat op in festival op Sardynje.

De positive rol dy't de Ryksoerheid spylje kin by it lizzen en organisearjen fan grinskrusende kontakten krijt om dy reden dan ek mear omtinken yn de nije bestjoersôfspraak.

Skaaimerik
2024-0000150909

Media

42. De leden fan de D66-fraksje hechtsje in soad wearde oan de rol fan de ûnôfhinklike media yn ús frije demokrasy, en sjogge dy ek as ien fan de dragers fan ús talen. Erkent de minister de rol fan de Fryske media as ien fan de dragers fan de Fryske taal? Werkent de minister de sinjalen dat der in tekoart is oan Frysktalige sjoernalisten? En is de minister fan betinken dat it winsklik is dat der in minor Frysktalige sjoernalistyk komt, dy't ek trochgiet as har minder as 25 studinten oanmelde?

De Fryske media drage mei harren aktiviteiten, yn wurd en skrift, by oan de Fryske taal. Omrop Fryslân, de Fryske regionale omrop, stjoert út yn de Fryske taal en hat dêrom in bysûndere rol op it mêd fan behâlden, befoarderjen, ûntwikkeljen, oerdragen, sichtber meitsjen en yn de praktyk brûken fan it Frysk. Dit is sa fêstlein yn de besteande BFTK en sil ek opnommen wurde yn de nije BFTK. Ek út de Mediawet 2008 wei wurde publike omroppen fasilitearre yn it befoarderjen fan de regionale identiteit en regionale streektaal. Hoe ynfolling jûn wurdt oan de foarm en ynhâld, is oan de omrop sels (kêst 2.88, Mediawet 2008).

It orgaan foar de Fryske taal, DINGtiid, hat op 25 jannewaris 2024 in advys publisearre oer oplossingsrjochtingen om de kwaliteit fan de Frysktalige sjoernalistyk te ferstevigjen. Dit advys is op fersyk fan it ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes (BZK) en Underwiis, Kultuer en Wittenskip (OCW) opsteld en wurdt jo meikoarten mei in kabinetsreaksje tasjoerd. Sinjalen fan soarch geane benammen oer de mûnlinge en skriftlike taalbehearsking en it taalnivo fan mediaprofessionals. Fia it ûnderwiis, traineeships en (pilot)projekten kin dêr ferbettering yn oanbrocht wurde. DINGtiid advisearret as mooglike oplossing te ynvestearjen yn in minor Frysktalige sjoernalistyk. Sa't ek by fraach 35 oanjûn is, is de steatssekretaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip fan doel sa'n minor te stypjen. Yn 'e mande mei de Provinsje Fryslân wurdt op it stuit sjoen op hokker wize dat realisearre wurde kin. De definitive fspraken dêroer wurde fêstlein yn de nije BFTK.

43. De leden fan de D66-fraksje binne it kabinet tige tankber foar de stappen dy't nommen binne om de Nederlânske audiofisuele kultuersektor te fersterkjen. Dizze leden sjogge ek de grutte mearwearde fan regionale kulturele uteringen yn it hiele Keninkryk, bygelyks de bysûndere kultuersektoren yn Karibysk Nederlân en de provinsje Fryslân. Erkent de minister it belang fan regionale sprieding

**fan kultuerjild om kultuer yn hiel Nederlân ta bloei komme te litten,
benammen yn de regio's dy't dy stipe goed brûke kinne?**

**De leden fan de D66-fraksje en de CDA-fraksje freegje wat de
minister fynt fan it feit dat it Filmfûns foar in grut part allinnich yn
Amsterdam woartele produksjes finansieret en dat de NPO ek kwealik
ynvestearret yn regionaal woartele produksjes?**

Skaaimerik
2024-0000150909

Lykas earder al neamd is yn de skriftlike beântwurding fan de fragen dy't steld binne yn de earste termyn fan de begruttingsbehanneling fan OCW¹⁵, binne tagonklikens en it tichtby wêzen fan kultuer foar alle ynweners fan Nederlân wichtige útgangspunten fan it kultuerbelied. Fia ferskate ynstruminten stipet it ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip de lokale kulturele ynfrastruktuer. De kulturele basisynfrastruktuer (bys) foarsjocht bygelyks yn in hege mjitte fan sprieding foar hast alle kategoryen fan ynstellings binnen de regeling. Hjir komme yn de nije perioade ek de festivals en jeugdpodiumkeunsten by. Foar de ferdieling fan kultuerjilden jildt dat de Ried foar Kultuer de subsydzje-oanfragen foar de nije bysperioade beoardielet en dêrby in tal kritearia hantearret. Op fersyk fan jo Keamer is "geografyske sprieding" no as haadkritearium yn de subsydzjeregeling opnommen. Ek is yn de beliedskaders fan de Rykskulturfûnsen fêstlein dat ekstra omtinken jûn wurde moat oan de regionale sprieding fan kulturele foarsjennings foar sawol makkers as publyk.

Oangeande it Filmfûns en de filmsektor it folgjende. Yn tsjinstelling ta oare kultuersektoren is de filmsektor net yn ynstellings organisearre, mar wurdt der hast hielendal wurke op projektbasis. It Filmfûns ynvestearret yn films, dokumintêres en searjes mei makkers, crew en cast fan oeral wei. Ek wurde geregeld films makke dy't regiospesifyk binne. Tink oan it spylfilmdebút *Bijt* van Guido Coppis (2024), dat benammen yn Limboarch opnommen waard, en de dokumintêrefilm *Vogels kun je niet melken* (2023), dy't natuerbylden kombinearret mei it ferhaal fan in Fryske boerefamylje. Of *De Man uit Rome* (2023), oer in gûlend Mariabyld yn in Limboarchsk grinsdoarp, en de film *Gluckauf* (2015), dy't yn Limboarch draaid is. Sa binne der foarbylden te neamen fan ferskate films mei in sterke regionale bining (*De Vogelwachter* (2020), *Silence of the Tides* (2020), *Kwestie van Geduld* (2022) en *Het zit in mijn Hart* (2022)).

Mooglik is it byld ûntstien dat it Filmfûns suver allinnich mar produksjes finansieret dy't woartels hawwe yn Amsterdam omdat filmprodusinten – de oanfreger fan subsydzje – faker kantoar hâlde yn 'e Rânestêd. Yn de praktyk kin it lykwols wêze dat in produsint fêstige is yn Amsterdam, mar dat it senario skreaun is troch bygelyks ien út Seelân en dat de regisseur út Limboarch komt. Dat sil boppedat faker it gefal wêze, omdat hieltyd mear makkers derfoar kieze om harren fêstigingsplak earne oars yn it lân te hawwen. Dêrneist binne der regio's dêr't beskate kennis en fasiliteiten byinoar

¹⁵ [Antwurden skriftlike fragen begruttingsbehanneling OCW 2024 | Keamerstik | Rijksoverheid.nl](#)

komme, lykas in bedriuw yn Fryslân dat heechwaardige ledskermen makket foar de ynternasjonale AF-sektor.

Tagelyk is it fan belang dat de kulturele ynfastruktuer, yn it bysûnder yn de regionale gebieten sels, fierder fersterke wurdt. Hjir wurdt troch OCW belied op fierd, ek wat films, searjes en dokumintêres oanbelanget. It Filmfûns stipet bygelyks aktiviteiten fan de regionale filmhubs (briedplakken foar regionale talintûntwikkeling). Ek hat it Filmfûns bydroegen oan *Het beloofde land*; in ûntwikkelings- en produksjetrajekt fan de regionale filmhubs foar makkers út Limboarch, Noard-Brabân, Fryslân, Drinte en Grinslân. In oar foarbyld is *Cypher Cinema*, in spesifike regeling foar autodidakte makkers wêrby't it Filmfûns gearwurket mei regionale scouts.

Regionale identiteit en regionale en streektalen wurde befoardere troch de publike omroppen. Regionale en lokale omroppen wurde fasilitearre yn de Mediawet. De regionale en lokale omroppen bepale sels de foarm en ynhâld fan de programmearring, op grûn fan kêst 7 fan de Grûnwet en kêst 2.88, earste lid, fan de Mediawet 2008.

De publike omrop selektarret de produsint net op grûn fan plak fan fêstiging, mar op ynhâld. Makkers en talint komme ek út alle regio's fan it lân. Dêrnjonken is it foar de publike omrop gjin wetlike taak om doelberette regionale produksjes (of programma's) te fersoargjen. It media-oanbod moat in lykwichtich byld jaan fan de maatskippij, ek wat der lokaal en regionaal bart. Los dêrfan wurket de lanlike publike omrop gauris gear mei de regionale publike omroppen, ûnder oare yn it deistige regioblok op NPO2, dêr't ek programma's fan de regionale omrop te sjen binne, en yn Bureau Regio. Dêrnjonken is der in gearwurking tusken de NOS en de regionale omroppen wêrby't regionale produksjes te sjen binne yn it deistige regioblok yn it NOS Journaal fan 15.00 oere op NPO 1 en it NOS Journaal Regio om 18.15 oere op NPO 2.

44. Njonken de boppesteande fraach freegje de leden fan de D66-fraksje hoe't dat him ferhâldt ta de UNESCO-ferdrach oangeande de beskerming en befoardering fan it ferskaat oan kulturele uteringen? De leden fan de D66-fraksje en de leden fan de BBB-fraksje freegje oft de minister ree is om te ûndersykjen oft der regionale fûnsen ynsteld wurde kinne foar de ûntwikkeling, produksje en distribúsje fan films en searjes nei Sweedsk, Skotsk en Iersk foarbyld, dêr't benammen minderheden fan profitearje?

Ut ferskate ferdraggen, wêrûnder it niisneamde UNESCO-ferdrach en it Europeesk hânfêst foar regionale of minderheidstalen, folget dat regionale talen en kultueren beskerme wurde moatte en oandacht fertsjinje. It regear omearmet dat, en jout dêr op ferskate wizen útfiering oan. As it giet om Nederlânsk kultureel audiofisueel oanbod, stimulearret it regear produksjes en talint út de regio fia it Nederlânsk Filmfûns. Films en searjes wurde mei stipe

fan it Filmfûns ek yn Nederlânske (streek)talen en dialekten produsearre. Dy produksjes sprekke in breed publyk oan. Tink bygelyks oan de tige suksesfolle film *De Beentjes van Sint-Hildegard* (2020), dêr't foar in grut part de Twintske streektaal yn brûkt wurdt, of *Bulado* (2020), sprutsen yn it Papiamintsk en draaid op it eilân Kurasao, en tagelyk winner fan it Gouden Kalf foar bêste Nederlânske spylfilm en de ynstjoering foar de Oskars. In oar goed foarbyld is it earder neamde *Gluckauf* (2015), dêr't Limburchsk yn praat wurdt, of de folslein troch Netflix finansiere searje *Undercover*, foar in part yn lokaal dialekt. Al dizze produksjes wienen ek suksesfol op nasjonale en sels ynternasjonale platfoarms, krekt omdat in regionaal ferhaal keppele waard oan in universeel tema.

Der binne by it Filmfûns fansels gjin beheinings foar it oanfregjen fan finansiering foar Fryske/Frysktalige produksjes, mar it Filmfûns is wol ôfhinklik fan de oanfragen dy't it binnen krijt. By de 280 spylfilmoanfragen dy't it Filmfûns sûnt 1 jannewaris 2014 binnenkrigen hat, sieten gjin oanfragen foar it realisearjen fan in spylfilm yn de Fryske taal. Wol binne der yn dy perioade 26 oare oanfragen út Fryslân ûntfongen, wêrfan ien is foar de ûntwikkeling fan de - foar in part Frysktalige - spylfilm (*Jildau*) fan de Grinzer filmmakker Fedde Hoekstra. Dizze oanfraach is begjin 2022 honorearre. Neist jonken de stipe oan dizze spylfilm binne der troch it Filmfûns noch seis oanfragen honorearre oan fiif produksjes. It gie om fjouwer dokumintêres (wêrûnder de Fryske dokumintêres *Vogels kun je niet melken* en *11 Friese Fonteinen*) en in Frysktalige koarte film (*De Swarte Krie en de Deelen*).

De leden fan de D66-fraksje en de leden fan de BBB-fraksje freegje oft de minister ree is om te ûndersykjen oft regionale fûnsen opset wurde kinne. Sa'n ûndersyk achtet de steatssekretaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip net nedich, om't de regionale fersterking, ek yn Fryslân, al yn gong setten is.

It Filmfûns hat sûnt 2019 in regeling foar aktiviteiten fan regionale filmhubs. De steatssekretaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip hat yn 2023 ek in ekstra finansjele ympuls jûn oan de talintûntwikkeling yn de regio (ferheging fan € 1 miljoen nei € 2 miljoen per jier fan 2025 ôf). Troch de besteande regeling fan it Nederlânsk Filmfûns komme dy ekstra middels ek telâne by regionale filmhubs dy't har ynsette foar de ûntwikkeling fan talintfolle makkers bûten de Rânestêd, sa as CineNord. CineNord is in hub foar Drinte, Grinslân en Fryslân, en by útstek de organisaasje foar talintûntwikkeling yn it noarden fan Nederlân. Dizze hub wurdt foar in grut part finansiere troch it Filmfûns.

Regionale fûnsen biede kânsen foar regionaal talint en de fersterking fan de regionale filmkultuer. In foarbyld is it Limburg Film Fonds dat iepenstiet foar Limboarchske filmmakkers en dêr't projekten mei stipe wurde dy't (foar in part) yn Limboarch produsearre wurde. Dit fûns wurdt finansiere út de Provinsje Limboarch wei. Regionaal stipe bestegings oan in projekt kwalifisearje ek as Nederlânske produksje-útjeften dêr't finansiering út in regionaal fûns wei kombinearre wurde kin mei finansiering út it Nederlânsk Filmfûns wei. Hjirtroch stiet it projekt der sterker foar. Nasjonale en regionale middels kinne sa steapele wurde, en talint krijt sa in bettere oansluting op de (ynter)nasjonale filmyndustry. De steatssekretaris fan Underwiis, Kultuer en

Wittenskip hopet dat ek oare provinsjes dit foarbyld fan de Provinsje Limboarch folgje sille, en de krêften bondelje mei besteande filmhubs en it Nederlânsk Filmfûns.

45. De leden fan de D66-fraksje en de BBB-fraksje freegje hoe't it kabinet de Rykskulturfûnsen oantrune sil om omtinken te jaan oan de Fryske taal en kultuer foar de kommende kulturele basisynfrastruktuer (bis) 2025-2028?

Skaaimerik
2024-0000150909

It ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip stjoert de seis Rykskulturfûnsen oan fia de beliedskaders. De beliedskaders foar de perioade 2025-2028 fan de seis Rykskulturfûnsen binne dizze simmer fêststeld troch de steatssekretaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip¹⁶. Yn it beliedskader fan it Nederlânske Letterenfûns is as doelstelling it befoarderjen fan de kwaliteit en it ferskaat fan de Nederlânske, Fryske en Papiamintsktalige literatuer en it befoarderjen fan de kwaliteit en it ferskaat fan literatuer út oare taalgebieten yn in Nederlânske, Fryske of Papiamintske oersetting opnommen. By it Letterenfûns (Nederlandse Letterenfonds) is dit op sa'n wize regele om't de link tusken de opjefte fan it fûns (letteren) en it befoarderjen fan de Fryske taal en kultuer it meast streekrjocht is. Yn de beliedskaders fan de oare Rykskulturfûnsen is oanjûn dat ekstra omtinken jûn wurde moat oan de regionale sprieding fan kulturele foarsjennings foar sawol makkers as publyk. It ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip nimt boppedat yn de petearen mei de Rykskulturfûnsen de posysje fan de Fryske makkers mei en freget harren ekstra omtinken te jaan oan dy makkers.

46. De leden fan de D66-fraksje, de CDA-fraksje en de BBB-fraksje freegje oft de minister ree is om by de evaluaasje fan de Wet Ynvestearingsplicht Streamingtsjinsten spesifyk te ûndersykjen oft it opnimmen fan de Fryske taal as mooglike betingst resultearre hat yn mear Frysktalige produksjes en oft dêr mear maatregels foar nedich binne?

Yn kâst 9.14h fan de Mediawet is bepaald dat de minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip trije jier nei it yngean fan de ynvestearingsplicht in ferslach stjoere sil oan de Steaten-Generaal oer de effektiviteit en de gefolgen yn de praktyk fan de oanbelangjende bepalingen. De evaluaasje sil ûnder mear ynformaasje opsmite oer de kategoryen audiofisuele produksjes dêr't yn ynvestearre is. Dizze kategoryen binne ûnder oare Nederlânsktalige of Frysktalige films, searjes of dokumintêres. De steatssekretaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip is yn dat ljocht ree om by de evaluaasje te ûndersykjen oft de kritearia oangeande de Fryske taal laat hawwe ta mear Frysktalige produksjes. Oft der dan mear maatregels nedich binne en hokker, sil op dat stuit in politike kar wêze.

¹⁶ Keamerstik II, 2022-2023, 32 820, nr. 499.

Tresoar

Ministearje fan
Ynlânske Saken en
Keninkryksrelaasjes
Direktoraat-generaal
Iepenbier Bestjoer en
Demokratyske Rjochtssteat

47. De leden fan de VVD-fraksje hawwe fernuvere fêststeld dat twa (ienstimmich) oannommen moasjes oer it Frysk regionaal histoarysk sintrum Tresoar (Regeling Letterhoeke) noch hieltyd net útfierd lykje te wêzen. Sawol de moasje fan de leden Van der Molen en Aukje de Vries (35 570-VII, nr. 76) as de moasje fan de leden Bevers en Van der Molen (36 200-VII, nr. 133) freegje omtinken foar de bysûndere posysje fan Tresoar. De Keamer docht útdruklik in útspraak oer in foarm fan bestjoerlike gearwurking en it boargjen fan de besteande finansjele bydrage. Dizze leden wolle graach de stân fan saken witte oer de útfiering fan dizze moasjes en geane derfan út dat se yn de nije BFTK 2024-2028 útfierd wurde.

Skaaimerik
2024-0000150909

Ek de leden fan de D66-fraksje meitsje har ernstich soargen oer it fuortbestean fan Tresoar, nettsjinsteande ferskate foarstellen dy't ienstimmich troch de Keamer oannommen binne. Hoe fiert it kabinet de moasje fan de leden Van der Molen en Aukje de Vries (Keamerstik 35 570-VII, nr. 76) oer fierdere dielnimming oan de Regeling Letterhoeke en de moasje fan de leden Bevers en Van der Molen (Keamerstik 36 200-VII, nr. 133) oer it boargjen fan it duorsum behâld fan Tresoar en de besteande finansjele bydrage út? Erkent de minister dat Tresoar, yn it ljocht fan de wetlike soarchplicht foar de Fryske taal en kultuer, perfoarst net ferdwine mei as basisfoarsjenning foar it behâld fan it Frysk kultureel erfgoed?

De CDA-fraksje pleitet al jierren foar oanhâldende belutsenens fan it Ryk by Tresoar. Hjiroer binne twa moasjes oannommen (sjoch Keamerstikken 35 570-VII, nr. 76 en 36 200-VII, nr. 128). By de Rûnetafeldiskusje is oanjûn dat dizze moasjes net útfierd binne of wurde sille. Is it wier dat dizze moasjes net útfierd binne? Kin it kabinet oanjaan wat der de lêste tiid wol bard is oangeande Tresoar?

Wat de leden fan de CDA-fraksje oanbelanget, jilde de oerwagings út de moasjes noch hieltyd, nammentlik dat it Frysk regionaal histoarysk sintrum Tresoar in bysûndere posysje ynnimt op grûn fan in dieldere ferantwurdlikens fan Ryk en Provinsje foar de Fryske taal en kultuer. Dit is fêstlein yn de BFTK 2019-2023. Wat dizze leden oanbelanget, wurde dizze moasjes dochs noch útfierd. Sy wolle graach in detaillearre reaksje fan de minister oer hoe't er dizze moasjes útfiere sil.

De steatssekretaris fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip wit fan de twa noch iepensteande moasjes oangeande Tresoar en is it folslein mei de yntsjinners iens dat alles dien wurde moat om de takomst fan Tresoar te boargjen.

Der wurdt dêrom mei de Provinsje Fryslân en Tresoar oerlein oer hoe't dat it bêste dien wurde kin. Der wurdt net allinnich sjoen nei it finansjeel boargjen fan Tresoar, mar ek hoe't de mienskiplike regeling Tresoar yn de takomst

libbensfetber bliuwe kin. Ofspraken dy't yn dit ferbân makke binne, moatte weromkomme yn de BFTK 2024-2028.

It is de yntinsje fan de steatssekretaris om de te meitsjen ôfspraken, foarsafier fan tapassing, oanslute te litten by de ôfspraken dy't mei de oare Regionale Historyske Sintra makke binne, lykas fêstlein yn in bestjoerskonvenant mei side letter. Dat jildt ek foar kêst 7 fan datselde konvenant, oer de finansjele bydrage ferbûn oan it behear fan de ryksargyfkolleksjes. Jo keamer is troch de steatssekretaris op 28 febrewaris 2024 mei in brief oer dit bestjoerskonvenant ynformearre¹⁷. Yn dizze brief stiet ek in tal ôfspraken neamd dy't spesifyk fan tapassing binne op Tresoar.

**Ministearje fan
Ynlânske Saken en
Keninkryksrelaasjes**
Direktoraat-generaal
Iepenbier Bestjoer en
Demokratyske Rjochtssteat

Skaaimerik
2024-0000150909

¹⁷ <https://www.rijksoverheid.nl/documenten/kamerstukken/2024/02/28/bestuursconvenant-duurzame-samenwerking-ministerie-van-onderwijs-cultuur-en-wetenschap-en-de-regionale-historische-centra-en-de-positie-van-regionaal-historisch-centrum-tresoar>